

# Plan B

Ferkiezingsprogramma

Partij foar de Dieren

Twadde Keamerferkiezings 2017

Hâld oan dyn idealen fêst

Partij voor  
de Dieren





# Ynlieding – Plan B

**De Partij foar de Dieren is de ienige politike partij dy't de belangen fan alle soarten, minske en dier, as útgongspunt hat. Us fyzje beslacht de hiele planeet. Dêr binne wy unyk yn.**

De ierde biedt genôch foar it ferlet fan elkenien, mar net foar de hebsucht fan elkenien. De grutste útdaging op dit stuit is om de ierde foar takomstige generaasjes leefber te hâlden. In ierde mei skjinne lucht, skjin wetter, rykdom yn soarten, in fruchtbere boaiem en libben yn harmony mei âlle oare bewenners fan dizze planeet. Mei in maatskippij dêr't minsken omtinken hawwe foar elkoar en soarch foar dyjingen dy't it meast kwetsber binne. Dêr't goed ûnderwiis en sinfol wurk foar elkenien is. In maatskippij dêr't minsken de moed hawwe om de feroarings ta stân te bringen dy't nedich binne.

## **Idealisme is it nije realisme.**

Der is ferlet fan in Plan B, omdat der gjin Planeet B is. Dit programma is dat Plan B. Gjinn symptoombestriding. Gjinn oplossings dy't oer tsientallen jierren pas wat effekt hawwe moatte. Gjinn 'kompromisje'. Wól idealen dy't helber en betelber binne. Wy binne der fan oertsjûge dat it kin. Dêr gean wy foar en sille wy alles foar dwaan.

Yn 'e Twadde Keamer sette wy dy ûnderwerpen op 'e aginda dêr't de tradysjonele polityk leaver net nei sjocht. Wy fiere krêftich opposysje tsjin it 'single issue'-tinken fan partijen dy't foaral tinke oan 'e westerske minsk en syn jild. It tradysjonele tinken giet der noch altyd fan út dat der earst jild fertsjinne wurde moat, foardat wy serius omtinken jaan kinne oan saken dy't echt fan grut belang binne. Lykas minsken- en diererjochten, it behâld fan natuer en miljeu. De kearnbetingsten foar ús bestean wurde sjoen as lúkse. Jild sjogge wy no as doel op himsels. As soe it sa wêze dat wat wy ús permittearje kinne, gearhingje soe mei jildbedragen yn plak fan mei wat de ierde biede kin, hoe't wy dit ferdiele en hokfoar (morele) karren wy dêryn meitsje.

De hjoeddeiske ekonomy is der benammen op rjochte om alles wat ús planeet te bieden hat sa gau as mooglik om te setten yn jild. Wy wolle in ekonomy dy't ornearre is foar alles wat it libben de muoite wurdich makket. Lykas it bestriden fan earmoede, it befoarderjen fan gelikens, feiligens en de leefberens fan 'e ierde.

Generaasjes lang hienen bern in bettere takomst as harren âlders hienen. Oant ús generaasje. Wy binne de

earsten dy't yn sitte oer de fraach oft ús bern it better krije sille as ús, sawol op it materiële as it ymmateriële mêd. Wy lykje de earste generaasje te wêzen dy't konfrontearre wurdt mei feroarings dy't hast net mear behearskber binne, feroarings dy't alles freegje sille fan ús fernuft en ynnovative krêften om de ierde leefber te hâlden.

## **Plan B. Der binne oplossings by de rûs.**

De ekonomyske krisis is net ûntstien troch krapte oan produkten en tsjinsten, mar troch flaters yn it ekonomysk systeem. Wy libje yn in tiid wêryn't wy mei hieltyd minder minskkrêft alles produsearje en organisearje kinne wat wy nedich hawwe. Dit biedt in geweldige kâns om mear tiid te besteegjen oan 'e soarch foar inoar en foar de natuer. En oan persoanlike ûntwikkeling, ynnovaasje, sport, keunst ensafuorthinne. De wize wêrop't wy de ekonomy no organisearre hawwe, stiet dit lykwols yn it paad: minsken moatte just hieltyd mear en oant op hegere leeftiid wurkje yn plak fan minder. In soad minsken falle ôf. Foar jonge minsken is it bygelyks dreech om fêst wurk te finen en benammen sy hawwe flekskontrakten.

Produksje en konsumpsje moatte twangmjittich groeie, oft dat de minsken no noeget of net. Arbeid bliuwt djoer troch hege belestings, wylst it yn oerfloed beskikber is. Grûnstoffen dêrfoar binne hast fergees, wylst se krap en yn in soad gefallen einich binne en de winning dêrfan de natuer út balâns bringt.

It hjoeddeiske ekonomyske systeem feroarsaket in groei- en skuldferslaving wêrtroch alles folslein fêstrint. Wy sille dit dus oars organisearje moatte.

En dat kin! Wy moatte gjin belesting op arbeid heffe, mar op it brûken fan grûnstoffen, benammen op 'e net-duorsume grûnstoffen. Duorsume produkten wurde dan goedkeaper. Foar fersmoargjende produkten betelje wy mear. Sa wurdt it mooglik om wurkgelegenheid dy't nei lege-leanen-lannen ferpleatst is – en ferlern is – werom te winnen: tink oan 'e tekstylsektor en oare maak- en werstelyndustryen. Op alle mêden komt der mear wurk omdat arbeid folle goedkeaper wurdt. Underwiis en sûnenssoarch sille hjir grif fan profitearje. Wy kinne ús

tiid, enerzjy en kreativiteit benutte om al ús aktiviteiten en produkten te fergrienen, mei tûke ynnovaasjes dy't ornearre binne foar duorsumens. Ornearre foar elkoar. In basisynkommen foar elkenien sil serieuus ûndersocht wurde moatte. Dêr kinne wy in soad wurk en aktiviteiten mei dwaan dêr't wy no net oan ta komme omdat wy der gjin tiid foar hawwe of omdat se te djoer binne.

Der binne folle mear oplossings. Wannear't wy de ikkers dêr't wy feefretten op ferbouwe foar de fleisynustry, brûke foar gewaaks foar iten dat drekt troch de minsk iten wurdt, kinne wy mei dyselde ikkers trijeris safolle minsken iten jaan as no en sels ikkers oan 'e natuer weromjaan.

Wannear't wy ús gebouwen benutte om enerzjy op te wekken yn plak fan enerzjy te fergriemen, makket dat de weareld út.

Wannear't wy it brûken fan dieren foar fermaak, iten, kleen en eksperimenten weromkringe en beëinigje, krije wy in maatskippij dêr't net inkeld de belangen fan 'e minsk yn sintraal stean, mar dy fan alle libbene wêzens.

It libben sil mear betsjutting hawwe, mear ûntspannen en solidêr wurde, mei mear wissichheden, barmhertigens en duorsumens. De ierde kriget de kâns om te werstellen. De maatskippij wurdt duorsum.

In duorsume maatskippij wêryn't wy ús net mear iensidich fokusje op 'e groei fan it bruto binnenlânsk produkt as mjitstêf foar ús wolfeart. Wy sille ús folle mear liede litte moatte troch graadmjitters lykas de mate fan feiligens yn ús maatskippij, mienskipssin, sûnens en wolwêzen fan minsk, dier en natuer en ús ekologyske fuotprint. Wy moatte ús net langer blyn stoarje op 'e iensidige groei modellen fan it Sintraal Planburo, dy't net of amper rekken hâlde mei de gefolgen fan ús hanneljen foar oare lannen.

Wy sitte allegear yn noed oer it grutte tal konflikten yn 'e wrâld. Miljoenen minsken flechtsje fan hûs en hiem. De konflikten wurde faak noch slimmer troch klimaatferoaring en tekoarten oan wetter en iten. Wy kinne ús wrâld feiliger en freedsumer meitsje as wy sjen doare nei ús part yn it ûntstean fan dy konflikten. Lykas it fergriemen fan helpboarnen; fossile brânstoffen, swiet wetter, fosfaat. Mar ek ús agressive eksportstrategie te'n koste fan lokale ekonomyen yn earne lannen, en ús wapenynustry dy't konflikten slimmer meitsje. De bestriding fan hongere en earmoede yn 'e wrâld begjint by in earlike ferdieling fan wat de ierde te bieden hat.

## Hâld oan dyn idealen fêst.

Neffens peilingen oerwaget 19% fan 'e kiezers op 'e Partij foar de Dieren te stimmen. Jo hearre dêrby, oars wiene jo net oant hjir ta kommen. Dit programma is bedoeld om jo yn 'e kunde komme te litten mei de fyzje fan 'e Partij foar de Dieren dy't de hiele planeet beslacht. In fyzje dy't basearre is op ús fjouwer begjinsels; barmhertigens, duorsumens, persoanlike frijheid en persoanlike ferantwurdlikheid. Us plan B is net djoer yn termen fan jild, mar fereasket wól de moed fan genôch dappere boargers om it tij te kearen. Ek op 15 maart 2017.

Jo stim sille wy ynsette foar:

### 1. Ekonomy en wurk

Dyn jild of dyn libben?

### 2. Diererjochten

Dieren hawwe it rjocht om te libjen nei harren aard.

### 3. Lânbou en iten

Allinne in sûne lânbou leveret duorsum iten.

### 4. Natuer

Natuerlik: pleats it kostberste wat der is sintraal.

### 5. Miljeu, klimaat en enerzjy

Alles fan wearde beskermje. Alles wat krap is earlik ferdielje.

### 6. Wenjen, soarch, ûnderwiis, wittenskip en kultuer

In maatskippij dêr't elkenien him of har yn thús fiele kin.

### 7. Feiligens, privacy, boargerrjochten en ynteger bestjoer

In oerheid dy't harket nei de winsken fan 'e boarger (sûnder dy boarger ôf te harkjen).

### 8. Europa, ûntwikkelingsgearwurking, flechtlingen en definsje

In wrâldbyld dat te ferdigenjen is, planeetbreed!

# 1. Ekonomy en wurk

## Dyn jild of dyn libben?

De ekonomyske krisis is net ûntstien troch krapte oan produkten en tsjinsten, mar troch flaters dy't yn it ekonomyske systeem slite. Wy libje yn in tiid wêryn't wy mei hieltyd minder minskkrêft alles wat wy nedich hawwe produsearje en organisearje kinne. Dit biedt yn potinsje in geweldige kâns om mear tiid yn oare dingen te stekken, lykas soarch foar elkoar en foar de natuer, persoanlike ûntwikkeling, ynnovaasje, sport, keunst, ensafuorhinne. De wize wêrop't wy de ekonomy no organisearre hawwe, stiet dizze kânsen yn 'e wei: minsken moatte hieltyd hurder en langer wurkje, yn plak fan minder. Of kinne hielendal net wurkje, wannear't de ekonomy harren ôfskreaun hat, wat op hieltyd jongere leeftiid sa liket te wêzen. Produksje en konsumpsje moatte mar groeien bliuwe, it docht der net ta oft minsken dêr ferlet fan hawwe. Arbeid bliuwt djoer troch hege belestings, wylst se krap en yn in soad gefallen einich binne.

It hjoeddeiske ekonomyske systeem feroarsaket in groei- en skuldferslaving mei alle gefolgen foar de leefberens fan 'e ierde dy't dêr by hearre en rint dêryn folslein fêst. It Ynternasjonale Monetêre Fûns (IMF) hat berekkene dat de skulden fan partikulieren, bedriuwen en oerheden oprûn binne oant it bjusterbaarlike bedrach fan 135.000.000.000.000 (135 biljoen) euro. In ûnferantwurde foarskot op in ûnwisse takomst. Wy sille it dus oars organisearje moatte. En dat kin ek! Troch te wurkjen oan in duorsume, reële ekonomy kreëarje wy griene en echte banen.

### Wolfeart oars mjitte.

De oerheid stjoert op it stuit te folle op it ferheegjen fan ynkomsten yn Nederlân: it bruto ynlânsk produkt (bbp). Mar in groeiend bbp betsjut út soarte net dat it goed mei de maatskippij giet of dat boargers lokkich binne. Frijwilligerswurk en mantelsoarch telle by de berekening fan it bbp net mei as in positive bydrage oan ús wolfeart. Aktiviteiten dy't it miljeu, de folkssûnen of it dierewolwêzen skea dogge, lykas de fee-yndustry, koalesintrales en gaswinning lykwols al. Dat is net logysk. De Partij foar de Dieren wol bettere ynstruminten om de koers fan 'e ekonomy út te setten.

- Foar it útsetten en stjoeren fan belied sil de oerheid de Monitor Brede Wolfeart brûke, dy't al ûntwikkele is. Dêrby kinne ek oare ynstruminten ynset wurde dy't in byld jouwe fan it wolwêzen fan minsk en dier, fan in skjinne libbensomjouwing, bioferskaat, ynnovaasjekrêft, mienskipssin, oanwêzigens fan soarch, ensafuorhinne. Sa wurde de positive en negative effekten fan oerheidsmaatregelen en ekonomyske aktiviteiten op 'e maatskippij dúdlik yn

kaart brocht en kinne wy de juste koers bepale rjochting in duorsume en solidêre ekonomy.

### Slutende begruttings.

De oerheid rjochtet him al jierren op it lytser meitsjen fan it finansjele begruttingstekoart. Dêrby ferjit se de grûnstoffetekoarten dy't wy feroarsaakje mei ús wize fan libjen. Wy brûke alle jierren folle mear grûnstoffen as de ierde biede kin. It tekoart oan swiet wetter, hout en oare 'tsjinsten' dy't de ierde jierliks leverje kin, nimt alle jierren ta. In 2016 hiene wy oer de hiele wrâld alle fernijbere grûnstoffen foar dat jier op 8 augustus al oprûkt. Dy Earth Overshoot Day falt alle jierren earder. It ekologyske tekoart is dêrtroch al oprûn oant mear as 30%. Wy hawwe de grûnstoffen hurd nedich, ek foar minsken yn ûntwikkelingslannen en foar takomstige generaasjes. Soarch foar dieren, miljeu en natuer is net in lúkse dêr't no even gjin jild foar is, mar essinsjeel foar duorsume ekonomyske ûntwikkeling.

- Der komt in hâldbere begrutting foar de oerheidsfinânsjes.
- Dêrneist komt der in griene steatsbalâns: in ferlies- en winstrekken dy't de effekten fan belied op minsk, dier, natuer, klimaat en miljeu sjen lit.

### Regionalisearring fan 'e ekonomy.

In soad produkten kinne better regionaal as fier fuort produsearre wurde. Tink oan iten en enerzjy. Sûnt in hiel skoft makket Nederlân sels amper produkten mear lykas klean, skuon en meubels. Ek litte wy produkten hieltyd minder faak reparearje of werstelle en binne wy gjin koprinne yn it ûntwikkeljen en meitsjen fan duorsume produkten lykas sinnepanielen. Dit is in miste kâns; in soad

minsken yn ús lân beskikke oer sterke ûndernimmings- en in soad kreativiteit. Litte wy dy brûke!

- Nederlân sil him folle mear rjochtsje op in echte maak- en werstelekonomy. Wy sille duorsume produkten meitsje en folle mear produkten werstelle of in nije bestimming jaan.
- De lânbou rjochtet him net langer op bulkproduksje en ferlit har agressive eksportstratêge. Yn plak dêrfan ferleit Nederlân syn oandacht nei duorsume produksje foar de regionale merk.
- De Nederlânske oerheid besteget jierliks rom 60 miljard euro oan produkten en tsjinsten. Dat is hast 10% fan it bruto ynlânske produkt (bbp). Hjirmei hawwe oerheden en semi-oerheden in krêftich ynstrumint yn hannen foar ferduorsuming, ynnovaasje en fersterking fan it midden- en lytsbedriuw. De oanbestegingsprosedueres wurde sa oanpast dat alle ynkeapen wis duorsum, dierfreonlik en sosjaal ferantwurde binne. Benammen it midden- en lytsbedriuw moat hjir fan profitearje kinne.

### **Mear banen, minder grûnstoffen brûke: in nij, grien belestingstelsel.**

At wy belesting heffe sille op grûnstoffen en net-duorsume produkten, kin de belesting op arbeid bot omleech. Hjirtroch is it foar bedriuwen ienfâldiger om minsken yn tsjinst te nimmen, kin Nederlân banen behâlde en kreëarre en krije minsken mear bestegingsromte. It sil leane om it brûken fan grûnstoffen te ferminderjen en om te recyclen.

- De belesting op arbeid wurdt ferlege en de belesting op grûnstoffen wurdt ferhege.
- Wy kinne jierliks miljarden euro's besparje at de miljeuskealike (yndirekte) subsydzjes ôfskaft wurde. Sa moat der in ein komme oan 'e belestingkoartings foar produsinten en (grut)ferbrûkers fan fossile enerzjy.
- Nederlân stelt in nultaryf yn foar duorsume produkten lykas (biologyske) grienten en fruit en in heech taryf foar produkten dy't skealik binne foar minsken, dieren en miljeu.
- De Partij foar de Dieren pleitet foar it bepriizgjen fan krappe grûnstoffen en produkten dy't grutte negative miljeu-effekten hawwe, lykas hout, koalen en fosfaat.
- Der wurde fergees te folle (plestik) ferpakkings brûkt. Produsinten sille dêr foar betelje moatte om sa it brûken fan ferpakkingsmateriaal werom te kringen.
- It wurdt fiskaal goedkeaper om te bouwen yn al besteande beboude romte. Tink oan renovaasjes, bouwe op eigen hiem, tiny houses (ferpleatsbere lytse huzen), ensfuorthinne. Bouwe op earder ûnbeboude grûnpercelen wurdt djoerder.
- De enerzjybelesting wurdt differinsjearre: koalestroom wurdt djoerder as gas, griene stroom wurdt minder

beleste. Sels opwekke griene enerzjy bliuwt ûnbeleste.

- De belestingfrijstelling foar wurkjouwersfergoedings en foar reiskosten mei it iepenbier ferfier wurdt hantavene.
- De fiskale stimulearring fan fytsen wurdt hantavene.
- Der komt in kilometerheffing dy't rjochte is op 'e tiid en it plak fan it autoferkear. De privacy fan 'e brûker wurdt dêr by garandearre.
- Der komt in kilometerheffing foar frachtferkear fan 15 sint.
- De negative miljeueffekten fan fleanferkear wurde yn 'e priis fan fleantickets ferwurke. Nederlân fiert dy aksyns sels yn en sil dy ek yn 'e Europeeske Uny bepleitsje.
- Nederlân stoppet mei it fasilitearjen fan grutskalige belestingûntwikking troch multinationals, en makket alle deals (tax rulings) dy't mei bedriuwen sletten binne iepenbier.

### **In bettere ferdieling fan wurk.**

In soad minsken fiele harren ûnwis en freegje harren ôf oft se oait noch wol in baan of in fêst kontrakt krije sille. Tagelyk soarget it tanommen wurktempo en de needsaak om kontinú te prestearjen foar mear stress en haast yn ús maatskippij. Mear minsken falle ôf. Boppedat leant it wurkjen minder foar hieltyd mear minsken yn Nederlân. Foaral foar minsken mei in leech opliedingsnivo. De ûntwikking fan 'e leanen en salarissen stagnearret, wylst de winsten en reserves fan multinationals rekôrhichtes berikje. Flekswurk blykt benammen te bestean út koartduorjende baantsjes. Alderein en jongerein hawwe hieltyd mear muoite om de einen byinoar te krijen troch in brek oan genôch wurkoeren.

Koartere wurkwiken drage by oan in bettere ferdieling fan it beskikbere wurk en moatte foar elkenien mooglik makke wurde. Se bringe tagelyk de wurkleazens en de miljeudruk fan ús maatskippij omleech. In betelle baan wurdt sa ek better te kombinearjen mei mantelsoarch, âlderskip of frijwilligerswurk. It yllustrearet ús ideaal om yn in maatskippij te libjen wêryn't betelle arbeid net langer as it ienige of foarnaamste doel yn it libben sjoen wurdt. Foar dyn ynkommen mei it boppedat net útmeitsje wêr'tst wei komst, oftsto man of frou bist, troud, tegearre wennest of allinnichsteand bist, lesbysk of transgender, ensafuorthinne.

In basisynkommen soe it mooglik meitsje kinne dat folle mear maatskiplike aktiviteiten ûntploaid wurde kinne dy't nuttich binne foar de maatskippij. Utkearingsgerjochtingden hawwe no te min mooglikheden om neist in útkearing wat by te ferstjinsjen, wêrtroch in part-time baan faak neat opleveret. Wy wolle dat

wurksykjenden frijwilligerswurk en staazjes dwaan kinne, ek as dat wurk net drekt op weromkear nei de arbeidsmarkt rjochte is. Minder útfieringskosten, mear helderheid foar de boarger.

- Der komt in ûndersyk nei de mooglikheden foar it (fasearre) ynfieren fan in basisynkommen foar elke Nederlânske boarger. Pilots op dit mêd wurde stimulearre.
- Der komt in wetlike regeling dy't de ûntslachfergoeding keppelet oan it tal jierren dat in wurknimmer wurke hat, neffens de bekende systematyk fan 'e kantonrjochtersformule.
- By- en weroplieding wurdt oanmoedige en fasilitearre troch de oerheid, ek troch it oanbieden fan staazjeplakken en it op 'e nij ynrjochtsjen fan in goed stelsel fan edukaasje foar folwoeksenen; ûnderwiis moat net langer allinne jeugdûnderwiis wêze.
- De oerheid sil earmoede aktyver bestride mei ûnder mear leechdrompelige skuldhelpferliening en mei maatwurk foar stêden en plattelân. In soad boeren stiet it wetter oan 'e lippen ta troch de moardzjende konkurrinsje by skaalfergrutting en yntensivearring: de oerheid sil help biede moatte yn it organisearjen fan leechdrompelige (psychososjale) helpferliening en eventuele omskeakeling.
- Jongerein sûnder baan kinne wurkje oan bettere kânsen op 'e arbeidsmerk yn wurkgelegensprojekten yn ûnder mear de soarch en de biologyske lânbou.
- Der komt gjin ynkomenstoets per húshâlden, de bystânsútkearing wurdt basearre op it yndividu.
- It fangnet foar jongerein mei in beheining (de Wajong) bliuwt bestean. Sy krije kânsen op in sinfolle en nuttige deibesteging mei trochgroeimooglikheden nei in betelle baan.
- De regeling foar sosjale wurkplakken bliuwt behâlden en wurdt sa ynset dat minsken tichtby harren hûs betsjuttingsfol wurk dwaan kinne, op harren eigen nivo, mei genôch begelieding en foar in fatsoenlik lean.
- De bernetaslach wurdt ôfhinklik makke fan it ynkomen fan 'e âlders.
- Trije moannen betelle âlderskipferlof foar heiten wurdt mooglik, sa't âlden harren soarchtaken goed kombinearje kinne mei harren wurk.
- Undersocht wurdt of berneopfang standert ûnderdiel wurde kin fan it troch de oerheid oanbeane basisûnderwiis, nei Skandinavysk model.
- De modeloerienkomst ferfalt sa gau as mooglik. Der komt in ienfâldige en fraudebestennige Ferklearring Arbeidsrelaasje (VAR). Hjirtroch krije zzp'ers en harren opdrachtjouwers mear wissichheid.
- It wurdt foar zzp'ers ienfâldiger om frijwillich te sparjen foar pensjoen of harren te fersekerjen. Zzp'ers krije tagong ta in (kollektive) arbeidsûngeskihtheds- en

pensjoenfersekering.

- It oerekritarium wurdt ferfongen troch in progressyf winstboksenstelsel, wêrtroch de belesting ôfhinget fan it ynkomen en it oantreklik wurdt om part time as zzp'er te wurkjen.

### In wisse âlde dei.

De Partij foar de Dieren wol âld en jong earlik behannelje.

- In maatskippij mei in soad wurksykjende âlderein kin net trochgean mei it ferheegjen fan 'e AOW-leeftiid. Der moat dêrom in fleksibele AOW-leeftiid komme, mei basearre op it tal jierren dat wurke is. Wa't 40 jier wurke hat, kriget fan 65 jier ôf AOW. Wa't in útkearing hat op 65-jierrige leeftiid, kriget fan dan ôf AOW. It wurdt mooglik te kiezen foar in legere AOW-leeftiid yn ruil foar in yn evenredigens oanpaste AOW-útkearing.
- Sjoen de wurkleazenssifers en it brek oan fakatueres foar 60-plussers wurdt de sollisitaasjeplicht foar dizze leeftiidskategory ôfskaft.
- Dêr't de bestegingsromte fan 30-minners en âlderen achterbleaun is by oare groepen, wurdt dizze wersteld.
- De gefolgen fan 'e min prestearjende beurzen en lege rentestân meie net iensidich by de âlderein dellein wurde.
- De fermogensrendemintsheffing op basis fan in fiktyf rendemint wurdt skrast. It gemiddeld realisearre rendemint oer de lêste fiif jier wurdt de nije heffingsgrûnslach.
- De mantelsoarchboete wurdt skrast.
- Der komt dúdlikheid oer alle kosten fan pensjoenfûnsen. De pensjoenfûnsen wurde demokratyske, sa't wurknimmers sizzenskip krije oer it beleanings- en profyzjebelied en oer wat pensjoenfûnsen mei harren jild dogge.
- De 1300 miljard euro ynvestearingsromte fan 'e pensjoenfûnsen biedt in geweldige kâns om bedriuwen dy't maatskiplik ferantwurde ûndernimje te stimulearjen en te beleanen. It belied fan persjoenfûnsen om te ynvestearjen yn net-duorsume sektoaren lykas de fee-yndustry, fossile brânstoffen en yn 'e wapenynndustry, wurdt oanpakt. Pensjoenfûnsen meie gjin nije ynvestearings dwaan yn dy sektoaren sûnder in binend ledereferindum.
- Wurknimmers krije mear frijheid en fleksibiliteit om karren te meitsjen yn harren eigen pensjoenopbou. Sy kinne it pensjoen ûnderbringe by in grien ynvestearingsfûns wannear't dat by harren hjoeddeiske pensjoenfûns net mooglik is. Ek kinne sy kieze foar in fleksibele pensjoenleeftiid of in dieltiidpensjoen.

### Banken oan bannen.

It ûnferantwurde gedrach fan in soad banken, kenmerke

troch winsucht, ûnbidige bonussen en ynvestearrings yn net-duorsume yndustryen, hat de wrâld yn in djippe krisis stoarten. It tafersjoch op 'e banken hat bot faald. Regulearring fan 'e bankesektor is hurd nedich. Banken dy't 'te grut binne om te falen' hearre splitst te wurden.

- Banken wurde opdield yn nutsbanken, foar betellingsferkear, sparjild en lokale kredytfierliening, en sakebanken. Yn gefal fan kalimiteiten binne de publike funksjes dan ienfâldiger oerein te hâlden, sûnder dat sakebanken mei belestingjild rêden hoege te wurden.
- Nederlân moat der foar soargje dat it binnen de EU de mooglikheid behâldt om de banken strangere regels op te lizzen dan ynternasjonaal oerienkommen is.
- De kapitaalbuffers (eigen fermogen útdrukt as persintaazje fan it bedrach oan útliend jild) fan Nederlânske banken moatte folle heger wurde dan op it stuit it gefal is: fjouwer prosint is te leech, it streefsifer moat fyftjin wêze.
- Der komt in griene ynvestearringsbank, yn hannen fan 'e oerheid. Yn gearwurking mei private griene banken kin der ynvestearre wurde yn in duorsume en solidêre ekonomy. De griene ynvestearringsbank makket it foar it midden- en lytsbedriuw en griene start-ups makliker om oan kapitaal te kommen.
- Banken wurde ferplichte om ynvestearrings, belizzings en spekulaaesjes transparant te meitsjen.
- Fan har platfoarmfunksje út befoarderet de EU in koördinearre ta stân kommen fan bankenbelestings en belestings op finansjele transaksjes yn 'e lidsteaten.
- Banken meie gjin risiko's nimme dy't los stean fan it klantebelang. Hannel foar eigen rekken wurdt ferbean. Wy wolle ôf fan komplekse finansjele produkten.
- Gjinn bonussen yn 'e finansjele sektor. Dat past net by de maatskiplike funksje. Der wurdt op tasjoen dat it skrassen fan bonussen net fia omwegen kompenearre wurdt.
- Kommersjele banken hawwe te folle macht oer it kreëarjen fan jild en se hâlde de skulde-ekonomy yn stân. Der moat ûndersocht wurde hoe't in nij demokratysk, transparant systeem fan jildkreaasje ynfierd wurde kin.



# 2. Diererjochten

Dieren hawwe it rjocht om te libjen nei harren aard.

**De Partij foar de Dieren fynt dat wy stribje moatte nei in maatskippij dêr't troch de minske sa min mooglik dieren yn brûkt wurde. Dieren fertsjinje in goede beskerming en in libben nei harren aard en ferlet. Diererjochten moatte yn 'e grûnwet opnommen wurde. It wolwêzen fan in soad dieren komt yn gefaar troch de manier dêr't se op fokt, ferhannele, hâlden of deamakke wurde. Dêr't minsken dieren mishannelje of ferwaarlezje moat hurd yngrepen wurde.**

## Stopje dierproeven.

Eksperimenten op dieren binne net etysk en wurde sa gau as mooglik folslein stoppe. De proeven en de wize wêrop de bisten hûsfeste binne, feroarsaakje pine, eangst en stress. Boppedat hat it grutste part fan 'e medisinen – at dy al lykje te wurkjen by in proefdier – net itselde effekt by minsken. Der is grut ferlet oan bettere modellen sûnder dieren. Sa kinne wy oandwanings en sykten by minske en dier effektiver tefoaren komme en genêze.

- Ynvestearring yn alternativen foar proefdierûndersyk kriget heechste prioriteit.
- Nederlân set him der foar yn dat de ynternasjonale erkenning en tapassing fan proefdierfrije ûndersyks- en testmetoaden flugger giet.
- Undersyk mei primaten (wêrûnder minskapen) wurdt sa gau as mooglik ferbean. Der komt in plan (mei tiids paad) om it apeûndersykssintrum BPRC sa gau as mooglik te sluten.
- Oanfragen foar dierproeven wurde stranger toetst. In oanfraach yntsjinje kin allinne nei yngeand literatuerûndersyk. Salang't der noch dierproeven dien wurde, is ynternasjonale data-útwikseling (fia in iepenbiere databank) ferplichte om werhelling fan dierproeven foar te wêzen.
- Der komt in ein oan it fokken en deadzjen fan proefdieren dy't yn foarried hâlden wurde.
- Biotechnology by dieren – wêrûnder genetyske manipulaasje en klonen – wurdt ferbean.
- It wurdt mooglik dat in rjochter de neilibbing fan 'e Wet op de dierproeven toetse kin. Boargers en maatskiplike organisaasjes krije mooglikheden om beswier te meitsjen tsjin foarnommen dierproeven.

## Gjin pelsdieren of dieren foar dûnsproduksje yn fokkerijen, gjin produkten fan dy dieren yn winkels.

Bûnt en dûns binne produkten dêr't gjin needsaak foar is. It brûken fan bûnt of dûns rjochtfeardiget op gjin inkelde wize dat dieren hjir foar lije. Hoewol't it

fokken fan nertsen foar bûnt fan 2024 ôf yn Nederlân ferbean wêze sil, besykje guon nertsefokkers noch fluch harren bedriuwen út te wreidzjen. Bûnt fan ûnder oaren waskbearhûnen, foksen en coyotes wurdt op grutte skaal ymportearre en ferkocht as jaskragen.

- Utwreiding fan 'e bûntfokkerij wurdt net tastien.
- Ymport, eksport, trochfier en ferkeap fan alle soarten bûnt wurdt ferbean.
- Salang't bûnt noch ferkocht wurde mei, is dúdlike labelling fan bûntprodukten ferplichte, mei ynformaasje oer wêr't it bûnt weikomt en it tal dieren dat foar it produkt deade is.
- Ek op learen produkten moat ferplichte melden wurde wêr't it lear weikomt. Ymport en ferkeap fan lear fan dieren dy't spesjaal foar de learyndustry fokt wurde, lykas krokodillen, slangen en bepaalde soarten hagedissen, wurdt ferbean.

## Dieren binne der net foar it fermaak fan minsken.

In soad dieren yn finzenskip, lykas oaljefanten, liuwen, bearen en tigers, fertoane ferstoard, stereotyp hâlden en dragen. Fokprogramma's yn dieretunen blike amper by te dragen oan it yn stân hâlden fan bedrige diersoarten. De fok mei dieren yn dieretunen hat benammen oare motiven: nijberne dieren foarmje in wolkomme publykslûker. De Partij foar de Dieren fynt dat dieretunen en alle foarmen fan fermaak mei dieren yn harren hjoeddeiske foarm net passe binnen uze tiid.

- Dieretunen wurde omfoarme ta in tydlike opfang foar dieren dy't harren net yn harren oarspronklike leefgebiet hanthavenje of dêr net yn weromset wurde kinne. Fokke mei dieren om oare dieretunen te befoarriedzjen stoppet fuortendaliks.
- Salang't dieretunen noch bestean, jilde oanskerpe hûsfestingseasken dy't de natuerlike libbensomstannichheden safolle mooglik benaderje.
- Strangere wetlike easken foar it wolwêzen fan dieren yn bernebuorkerijen binne nedich, mei it natuerlik

hâlden en dragen fan 'e dieren as noarm.

- Der wurdt in stranger fokbelied ynsteld; dieren dy't op in bernebuorkerij of yn in dieretún berne wurde, meie net deamakke wurde.
- Dolfinaria en akwaria sille sletten wurde. Guon lokaasjes soenen tsjinje kinne as (tydlike) opfanglokaasje foar strâne of yllegaal ferhannele see(sûch)dieren. It ferbod op it brûken fan wylde dieren foar publyksfermaak, lykas yn sirkussen en wyldparken, wurdt útwreide mei (see)sûchdieren, reptilen, amfibyen en fûgels. Gjin inkeld dier heart yn in sirkus thús.
- Dierûnfreonlike tradysjes lykas libjende kryststâlen, zwientje tikken, kallemeoi mei libjende hoannen, goeslûken en it ljipaa sykjen wurde ferbean. Der komt in ein oan 'e ferhier fan dieren foar eveneminten.
- Der komt in gedrachskoade foar it brûken fan dieren yn keunst en media.
- Hingelje ('sportfiskje') moat ferdwine en wurdt yn oanrin nei in ferbod sterk ûntmoedige. Gjin 'fisklessen' op skoallen.
- Wedstriidflechten mei downen wurde net langer tastean.
- Merken dêr't dieren ferkocht wurde, lykas hynstemerken of fûgelmerken, wurde ferbean.
- Strangere regels moatte it wolwêzen fan hynders better garandearje. Harren húsfêsting biedt romte foar harren natuerlike en sosjale hâlden en dragen. Skealike trainingsmiddels en –metoaden wurde ferbean en der komt in minimumleeftiid wêrop't ponnys en hynders belêste wurde meie.

### By fok en ferkeap fan húsdieren stiet wolwêzen sintraal.

De fokkerij fan rasdieren rjochtet him benammen op it uterlik fan 'e dieren, net op súnens of wolwêzen. Dêrneist wurde yn Nederlân en dêrbûten yn grutte skuorren tsientûzenen hûnen fokt troch malafide fokkers en breafokkers. Hjir moat hurd tsjin optreden wurde. Ek moat de oerheid der alles oan dwaan ympulsoankeapen foar te kommen, omdat dy in grutte boarne fan diereleed foarmje.

- Der komt in koarte 'posityflist' fan dieren dy't, sjoen harren natuerlike hâlden en dragen, geskikt binne om as húsdier te hâlden. Oare dieren meie net hâlden of ferhannele wurde.
- Foar fokkers en hannelers wurdt in fergunningplicht ynfierd.
- Fokke op ekstreme uterlike skaaimerken fan húsdieren is net langer tastean, krekt as ynteelt.
- De ynfier fan bûtenlânske puppen wurdt stranger kontrolearre, yn gearwurking mei de lannen om ús hinne.
- De chipplicht foar hûnen wurdt útwreide nei katten,

sa't in eigner flugger wer by syn of har ferlerne dier brocht wurde kin.

- Om ympulsoankeapen te mijen wurdt ferkeap fan dieren fia ynternet, túsintra en merken ferbean. Foar de oanskaf fan dieren wurdt in betinktiid ynfierd.
- Dierebeurzen wurde net langer tastien.
- Dierewinkels moatte oanmoedige wurde om te stopjen mei de ferkeap fan dieren. Sy kinne harren klanten yn plak dêrfan trochferwize nei in opfangsintrum of asyl.
- Der komme minimumnoarmen foar nedichheden foar dieren, lykas hokken en koaien. It ôfsûndere hâlden fan sosjale dieren, lykas kninen, wurdt ferbean, krekt as de ferkeap fan fiskekommen en te lytse hokken of koaien.

### Soarch foar húsdieren, opfang en needhelp.

Alle jierren belâne tsientûzenen húsdieren yn it asyl. De opfang fan fûne of ôfstiene dieren is in wetlike taak fan gemeenten, mar dy litte it faak slûpe. It binne benammen hurdwurkjende frijwilligers dy't de diereasilen en opfangsintra draaiende hâlde.

- Diereasilen en diereambulânses moatte stipe wurde by harren profesjonalisearring.
- It netwurk fan opfangsintra en diereambulânses wurdt lanlik dekkend. De oerheid soarget foar foldwaande finansiering.
- Diereambulânses krije krekt as oare helptsjinsten foegen om gau te plak wêze te kinnen foar needhelp oan dieren, lykas in fergunning om oer bus- of trambaan te riden.
- Dieren krije in fêst plak yn draaiboeken fan helptsjinsten en rampeplannen.
- De húsdieresektor sil meibetelje oan 'e opfang en fersoarging fan dieren dy't ôfstien en fûn binne. Foar alle ferkochte dieren wurdt in bydrage stoarten yn in opfangfûns.
- Foar werpleatsing fan dieren giet it lege btw-taryf jilden.
- At minsken thús soarch nedich hawwe, wurdt ek foarsjoen yn help by de soarch foar de oanwêzige dieren. It wurdt makliker foar minsken om harren húsdier meinimme te kinnen nei in soarchynstelling.
- Soarch foar dieren is gjin lúkseguod: foar soarchferliening troch bistedokters sil it lege btw-taryf jilde.
- Diergeneeskundige soarch moat ek tagonklik wêze foar dieren fan minsken mei in minimum ynkommen.
- Yn opfanghuzen foar slachtoffers fan húsluk geweld is ek plak foar harren húsdieren, mocht dit nedich wêze. At it nedich is wurdt opfang yn gastgesinnen fasilitearre.

### Pak diere mishanneling hurder oan.

De Partij foar de Dieren wol dat diere mishanneling en –ferwaarleazing hurd oanpakt wurde. Foar dierebeulen is

de kâns om pakt te wurden no te lyts en de straffen binne leech. Der binne te min mooglikheden om dierebeulen te ferfolgjien.

- Der komme mear diereplysjeaginten mei foldwaande foegen foar de opspoaring en oanhâlding fan dierebeulen.
- De wet wurdt oanpakt sa't ferwaarleaze en mishannele dieren flugger yn beslach nommen wurde kinne.
- Plysje en Justysje jouwe mear prioriteit oan diere-mishanneling en –ferwaarleazing en der komt in offisier fan justysje foar Diere-oangelegenheden.
- Der komme strangere straffen en hegere boetes foar diere-mishanneling en –ferwaarleazing. Wa't dieren mishannelet, mei gjin dieren mear hâlde. It oplizzen fan in libbenslang hâldferbod wurdt mooglik foar minsken en bedriuwen dy't hieltyd wer dieren mishannelje of ferwaarleazje.
- Trochferkeap fan yn beslach nommen dieren oan 'e hannel of foar de slacht wurdt ferbean.
- Helperlieners by húslik geweld wurde traint yn it werkennen fan diere-mishanneling en –ferwaarleazing.

### Romte foar dieren, net foar jagers.

De Partij foar de Dieren wol dat yn it wyld libjende dieren safolle mooglik mei rêst litten wurde. Yn ús lytse lantsje wurdt de libbensromte fan dy dieren hieltyd fierder beheind. No't dieren fanned faker yn 'e buert fan minsken libje, wurdt al te maklik bewoard dat se oerlêst feroarsaakje. De dieren wurde bestride mei de swierste middels, faak mei gjin oar risseltaat as de dea fan gâns in soad dieren. De hobbyjacht, faak útfierd ûnder de flagge fan populaasjebehear, moat stopje. Alle jierren wurde twa miljoen dieren deasketten en noch ris heapen dieren oansketten. Jonge dieren bliuwe sûnder mem achter, partnerferbannen wurde wreed ferstoard en groepshierarchy en populaasjedynamyk wurde letterlik oan flarden sketten. De jacht soarget foar oerpopulaasje, want troch it fuortfallen fan grutte oantallen dieren wurde it jier dêrop ta kompensaasje mear jongen berne. It útsetten en byfuorjen fan dieren fersteurt it natuerlik lykwicht.

- De yntrinsike wearde en beskerming fan yn it wyld libjende dieren binne tenei útgongspunt fan belied.
- Yn it wyld libjende dieren wurde net deade. Allinne by driuwende redenen, bygelyks as in dier earnstich te lijen hat of de folkssûnens bedrige wurdt, kin der in útsûndering makke wurde. Dy beslissing komt yn hannen fan 'e oerheid nei rieplachtsjen fan ûnôfhinklike deskundigen, lykas de ferantwurdlikheid foar in goede, profesjonele útfiering. It deadzjen fan yn it wyld libjende dieren troch hobbyisten wurdt ferbean.
- It fangen fan dieren út it wyld en de yllegale jacht wurdt oanpakt mei mear fjildtafersjoch en strangere straffen.

- Bûtengewoane opspoaringsamtners en oare jachttafersjochhâlders meie net yn tsjinst wêze by de jachthâlders op wa't se tafersjoch útoefenje moatte.
- It organisearjen fan jachttoerisme yn binnen- en bûtenlân wurdt ferbean, lykas it advertearjen foar dy aktiviteiten.
- Faunabehearienheden wurde ôfskaft.
- Dieren meie net fersteurd wurde yn 'e kwetsbere perioades lykas de draach-, rui-, bried- en sûchtijd.
- De oerheid regelet de soarch foar yn it wyld libjende dieren dy't ferwûne rekke binne. De oerheid helpt opfangsintra foar dy dieren sawol finansjeel en om noch profesjoneler te wurden.

### Previjsje yn plak fan bestriding.

Alle jierren wurde tsientallen miljoenen euro's útjûn oan sinleaze en wrede bestriding fan saneamde 'skealike dieren', lykas guozzen, foksen en muskusratten. Guozzen wurde op grutte skaal fergast en alle jieren stjerre sa'n 100.000 muskusratten in sinleaze en grouwélige dea yn in klem of fertrinkingsfal. Wy moatte tûke, effektive en dierfreonlike metoaden ûntwikkelje en ynsette om skea foar te kommen.

- Ofskotfergunnings wurde allinne troch de lanlike oerheid ôfjûn, net troch provinsjes.
- It fergassen fan yn it wyld libjende dieren, lykas bygelyks guozzen, wurdt ferbean.
- Gjinn subsydzje mear foar it gedogen fan oerwinterjende guozzen en smjunten. Yn plak dêrfan wurde de dieren mei net-dealike middels út 'e produksjegers- en winterweetfjilden warre, en nei oantreklik makke gebieten lokt lykas wetterrike natuerterreinen, mei klaver ynsiedde diken en net brûkte stripen lân by ûnferhurde diken del.
- Om fleanfjilden hinne wurde gjinn lânbougewaaksen dy't guozzen oanlûke ferboud, mar greiden mei sinnepanielen of gewaaksen dy't foar guozzen net oantreklik binne.
- Boeren krije allinne skeafergoeding as sy dierfreonlike metoaden brûkt hawwe om skea te beheinen en dy net holpen hawwe.
- De bestriding fan muskusratten wurdt stoppe. It jild dat hjirtroch beskikber komt wurdt bestege oan provinsje en it fersterkjen fan it bewekjen fan 'e diken.
- Der komme deugdlike triedstekken by diken en doarpskearnen foar swinen en harten. Op diken yn en om natuergebieten hinne sil boppedat in nachtlke snelheidsbeheining jilde.
- Offal lûkt dieren oan. Swalkôffal en ôffal dat net op 'e goede wize oanbean wurdt, wurde aktyf bestride.
- Der komme alternative nêstgelegenheden foar kobben en downen om oerlêst yn it bewenne gebiet foar te kommen.

- Ferwyldere katten wurde net deade, mar fongen, kastrearre of sterilisearre en werom set. Sa komme wy op dierfreonlike wize tefoaren dat ferwyldere kattepopulaasjes harren útwreidzje.

### **Beskerming fan dieren yn it wyld oer de hiele wrâld.**

De hannel yn bedrige diersoarten is in foarm fan kriminaliteit dy't elkenien skea docht en in grutte ynkomsteboarne foar terroristen is. Nederlân is in wichtige trochfierrûte foar dy ylllegale hannel. De jacht op walfisken, dolfinen en seehûnen is noch hieltyd net folslein útballe.

- Der komt in ymport- en hannelsferbod foar alle út it wyld fongen dieren.
- Fûgelmerken skaffe wy ôf.
- Opspoaring en hanthavening fan 'e ylllegale hannel yn bedrige diersoarten wurdt yntensivearre.
- Nederlân ferset him aktyf tsjin walfiskjacht en seehûnejacht wêr en ûnder de flagge fan hokfoar lân dan ek útfierd.
- Nederlân pleitet by de Ynternasjonale Walfiskfeart Kommisje (IWC) foar in jachtferbod op lytsere walfiskachtigen, sa't ek dolfinen net mear bejage wurde meie. Nederlân ferset him aktyf tsjin de dolfineslachtings op 'e Faeröereilannen en yn Japan.
- Nederlân makket him sterk foar in totaalferbod op 'e fangst fan (blaufin-)tonyn en it ûntfinnen fan haaien.

# 3. Lânbou en iten

Allinne in sûne lânbou leveret duorsum iten.

Iten is in basisbehoefte foar ús bestean. It ta stân kommen fan ús iten fertsjinnet dus ús folsleine omtinken. De Nederlânske itensfoarsjenning is slim út balâns. Sy leit op it stuit in grut en ûnferantwurde beslach op 'e helpboarnen en lânbougrûnen yn 'e hiele wrâld. Dat komt ûnder oaren troch de massale ymport fan feefretten en it brûken fan keunstdong en lânboufergif yn 'e lânbou. De EU jout miljarden euro's oan lânbou- en fiskerijsubydzjes. Dit feroarsaket ûnearlike konkurrinsje en pakt boeren yn ûntwikkelingslannen, dy't gjin subydzjes krije, de kâns ôf om harren produkten foar reële prizen te ferkeapjen. Dizze boeren sille alle mooglikheden krije moatte om op rendabele wize iten te ferbouwen foar de eigen regio.

In sûne, duorsume lânbou is mooglik at wy de natuerlike rûntegongen werstelle en boeren in earlike priis betelje foar harren produkten. Ek moat folslein dúdlik wurde wêr't ús iten wei komt, hoe't it produsearre is en oft de priis de kosten dekt. De fiedselstring moat koart en iepen wêze, om sjoemelerij mei iten foar te kommen. Stunte mei de priis fan fleis kin beslist net en wy bine de striid oan tsjin it fergriemen fan iten. Fansels komt der in ein oan 'e bio-ynustry!

De yntinsive lânbou yn ús lân makket in soad slachtoffers. Alle jierren wurde yn Nederlân 500 miljoen dieren nei in koart en min libben slachte. Troch it protte brûken fan lânboufergif ferdwine ûnder mear bijen en flinters en wurde omwenners fan bou en bollefjilden siik. De útstjit fan broeikasgassen en ammoniak troch ús feesteapel giet te'n koste fan 'e natuer en draget by oan 'e opwaarming fan 'e ierde. Mes en foarke binne de belangrykste wapens yn 'e striid tsjin klimaatferoaring, earmoede, hongere, diereleed en ferlies fan bioferskaat.

By in soad boeren stiet it wetter oan 'e lippen ta: alle wiken moatte fiif boerebedriuwen ticht omdat se te min jild fertsjinje en net yn it hieltyd mear en/of yntinsiver hâlden fan dieren mei kinne of wolle. Tink oan 'e megastâlen en miljoenelienings dy't boeren dêrfoar ôfslute moatte. Dat kin oars.

## Sûn en duorsum iten foar elkenien.

Us fiedselfoarsjenning mei net noch fierder yn hannen komme fan monopoalisten: de macht moat nei de boarger en de boer werom.

- Plante- en diererasen meie gjin eigendom fan bedriuwen wêze. Oktroaien op foarmen fan libben wurde ferbean. Wy fersette ús tsjin it besykjen fan bedriuwen as Bayer-Monsanto en BASF om genen fan planten en dieren te patintearjen en sa de fiedselmerk te behearskjen.

- Nederlân set him ynternasjonaal yn foar sterk kwekersrjocht foar boeren en gewaaksferedelaars. Der sil bêst ynvestearre wurde yn 'e ûntwikkeling fan biologysk striidbere planterassen en gewaaksen.

Der wurdt mear as genôch iten yn 'e wrâld ferboud om de waaksjende wrâldbefolking fiede te kinnen. Mar de produksje is net duorsum en in soad iten wurdt fergriemd. De grutste fergriemerij fan iten sit yn it fuorjen fan dieren mei iten dat ek geskikt is foar de minske. Wy sille minder dierlike en mear plantaardige produkten ite moatte, yn it belang fan dieren, natuer en miljeu, mar ék foar ús eigen sûnens.

- Trochsleine regels oer hâldberheidsdata en utelike skaaimerken fan iten passe wy oan, want dy wurkje fergriemerij fan iten yn 'e hân. Mei goede foarljochting oer it bewarjen en de hâldberheid fan iten soargje wy dat minder iten yn 'e jiskebak telâne komt.
- Yn 'e priis fan iten moatte alle kosten ferwurke wêze, ek de kosten om dieren, natuer en miljeu te beskermjen en om de feiligens fan it iten te garandearjen. De kiloknaller sil út 'e skappen ferdwine. Foar alle produkten sil in earlike priis betelle wurde.
- Skoallen wreidzje harren programma's foar sûne mielen en skoalfruit út en keapje biologysk en duorsum yn. Yn lesprogramma's sil in protte omtinken jûn wurde oan sûn en duorsum iten.

- Wy stopje mei subsidiearre reklamekampanjes foar fleis en suvel. De miljoenesubsydzjes foar promoasje fan lânbouprodukten sille ôfboud en oant dy tiid allinne noch ynset wurde foar biologyske en plantaardige produkten.
- Untwikkeling fan plantaardige fleis-, suvel- en fiskferfangers sille stipe wurde en der komme kampanjes dy't op 'e befoarderling fan in plantaardich fiedingspatroan rjochte binne.
- Restaurants fan oerheidsynstellings servearje biologysk, regionaal produsearre iten en hawwe teminsten ien dei sûnder fleis en fisk. Op 'e menukaart stean gjin bedrige diersoarten.
- Fiedingsmiddels krije in dúdlik etiket mei ynformaasje oer werkomst, dierewolwêzen, sosjale omstannichheden, sûnensaspekten en de ekologyske fuotprint. At it om fleis, suvel en aaien giet, lit it etiket ek sjen wêr't it dier berne, hâlden en slachte is.
- Stedslânbou sil stimulearre wurde.
- Der komme strange duorsumheidskritearia foar de ymport fan grûnstoffen, lykas palmoalje, soaja en biomassa.

### In sûne itensmerk.

- It Europeesk Lânboubelied sil yngeand herfoarme wurde. De lânbou- en fiskerijsubsydzjes dy't miljarden euro's koste wurde ôfskaft. It budzjet sil tydlik ynset wurde om boeren te helpen om te skeakelen nei ekologyske lânbou; dêrnei stoppet de subsydzje.
- Undersyksbudzjetten foar lânbou sille allinne foar ekologyske lânbousystemen en it werstellen fan natuerlike rûntegongen ornearre wurde.
- De fersmoarger sil betelje: produkten dy't miljeuskea en dieereleed feroarsaakje lykas fleis, suvel en aaien, komme yn it hege btw-taryf, om te begjinnen mei dierlike produkten út 'e fee-yndustry. Sûne, duorsume produkten lykas griente en fruit binne frij fan btw.
- Tuskenhannelers, supermerken en oare retailers sille in saneamde 'eerlijke-prijs-bewijs' brûke. Hjir litte sy mei sjen dat de ynkeappriis dy't sy boeren biede, genôch is om de produksjekosten te dekken, ynklúsyf kosten dy't makke wurde om te foldwaan oan 'e maatskiplike easken op it mêd fan dierewolwêzen en miljeu. Boeren en túnders krije de mooglikheid om harren meiïnoar sterk te meitsjen foar in priis dy't de kosten foar harren produkt dekt. Kontrakten dêr't in leveringsplicht yn ûntstiet foar in priis dy't de kosten net dekt wurde ferbean. Sa sil de ynkeapmacht fan supermerkkeatings en grutte produsinten beheind wurde.
- Oerskotten fan fleis, aaien en suvel produsearre sil net tastien wurde. Opkeapregelings fan 'e oerheid skaffe wy dêrom ôf.

### Giffrije grienten.

- It brûken fan keunstdong sil bot fermindere wurde en ferfongen troch ekologyske alternativen.
- It previntyf brûken fan lânboufergif sil fuortendaliks ferbean wurde. Natuerlike rânen fan boulân, dy't it bioferskaat befoarderje en oantreklik binne foar natuerlike fijannen fan sykten en pleagen, wurde ferplichte.
- Gemyske bestridingsmiddels dy't in risiko foar minske, dieren of it miljeu foarmje, moatte drekt fan 'e merk. Dit jildt yn alle gefallen foar neonicotinoïden, glyfosaat, it grûnûntsmettingsmiddel metam-natrium, in grut tal skimmelbestriders en foar lânboufergif en ferdylgingsmiddels dy't hormoanfersteurend wurkje.
- Salang't de lânbou noch net giffrij is, komt der in sekuere beskerming foar omwenners fan bou- en túnboubedriuwen. It is needsaaklik dat der brede spuitfrije sônes komme tusken ikkers en omlizzende wennings, by skoallen, kantoar-, fabryks- en rekreaasjeterreinen. De spuitfrije sônes jilde ek om iepenbiere diken hinne, fyts- en kuierpaden en om plakken hinne dêr't dieren stean, lykas greiden.
- Alle lânboufergif dat no op 'e merk is, sil opnij toetst wurde oan goed oanskerpe kritearia; it foarsoarchsbegjinsel sil hjir liedend by wêze. Hjir sille gjin dierproeven foar útfierd wurde. Allinne middels dy't oantoanber feilich binne foar minske, dieren en miljeu meie op 'e merk bliuwe.
- De ynstânsjes dy't de talitting fan bestridingsmiddels en genetysk manipulearre gewaaksen beoardielje, sille folslein ûnôfhinklik en transparant wurde. De ynlike bannen mei de gemyske yndustry sille ferbrutsen wurde. Stúdzjes dy't produsinten sels leverje, binne net langer tarikkend. De advizen fan 'e Europeeske fiedselfeiligensautoriteit en ûnderlizzende stúdzjes binne iepenbier, tagonklik en foldogge oan 'e heechste noarmen fan ûnôfhinklikheid. Stúdzjes op basis wêrfan't besletten is middels ta te litten, sille mei weromwurkjende krêft iepenbier makke wurde sa't ûnôfhinklike wittenskippers de talitting beoardielje kinne.
- Der komt in deltaplan om de boaiemfruchtberens te werstellen.
- Lânbouopliedings sille folle mear omtinken jaan oan duorsume, ekologyske lânbou.
- De túnbou wurket fossylfrij troch it brûken fan sinne-energij en ierdwaarmte yn sletten kassystemen. It loazen fan fersmoarge wetter wurdt ferbean.

### Gentechfrij.

De Partij foar de Dieren is út it foarsoarchsbegjinsel wei wakker tsjin genetyske manipulaasje fan it gewaaks. Wy sette ús yn foar in gentechfrij Nederlân en Europa. Gentechsoaja en –maïs hawwe laat ta in taname yn it

brûken fan giftige bestridingsmiddels. Boppedat foarmet genetyske manipulaasje in bedriging foar de gongbere lânbou en biologyske bou omdat gentechgewaaksen harren minge kinne mei net-genetysk manipulearre gewaaksen. Dêrmei wurdt it foar konsuminten ûnmooglik om in frije kar te meitsjen foar gentechfrije produkten. Nederlân ferklearret him gentechfrij: de bou en ymport fan genetysk manipulearre fruchten wurdt ferbean.

- Salang't in algemien ymport- en bouferbod noch net realisearre is, wolle wy dat Europeeske lidsteaten en regio's sels de mooglikheid krije om de teelt fan genetysk manipulearre gewaaksen te ferbieden.
- Der komt in ferplichte etikettearring foar fleis, suvel en aaien fan dieren dy't fuorre binne mei genetysk manipulearre fruchten. Op produkten dêr't gentechyngrediïnten yn ferwurke binne, sil dit dúdlik neamd wurde op 'e foarkant fan it produkt of de ferpakking.
- Feredeling fan planten mei net te'n koste gean fan minsk, dier, natuer, sûnens, fiedselwissigens, karfrijheid en de posysje fan lytse boeren. Genifel oan genen moat altyd ûnder de gentechregels falle.
- It genetysk manipulearjen en klonen fan dieren is etysk net akseptabel en bringt in soad diereleed mei him mei. Nederlân set him yn foar in ymportferbod op kloonde en genetysk manipulearre dieren, harren neiteam en de produkten dy't fan dizze dieren makke wurde. Nederlân set him aktyf yn foar in wrâldwiid trasearsysteem om de hannel yn kloonde dieren kontrolearje te kinnen.

### Fee-yndustry ôfskaffe.

De hjoeddeiske gongbere feehâlderij is net hâldber. Wy hâlde safolle dieren foar fleis, suvel en aaien dat gjin miljeu-, natuer- of dierewolwêzenmaatregel it hâlde kin tsjin alle problemen dy't dit mei him meibringt. Megastâlen, folkssûnens en dierewolwêzen gean net meiinoar lykop. Dêrom moat der in ein komme oan 'e bio-yndustry. Yn plak dêrfan sil de fokus op 'e bou en tûnbou komme.

- In dúdlik stappeplan moat soargje foar in flugge omskeakeling nei in dierfreonlike en duorsume lânbou. It tal dieren dat hâlden wurdt, sil mei 70% ferlege wurde.
- Greidegong wurdt ferplichte. Melkfeehâlders meie net mear kij hawwe, dan dat se grûn hawwe om te beweidzjen.
- Der komt in maksimum oan 'e hoemannichte molke dy't maksimaal per hektare produsearre wurde mei. De effekten op dierewolwêzen en it miljeu binne hjir it útgongspunt by.
- Fêstiging en ûntwikkeling fan megastâlen wurdt ferbean. Tusken stâlen en de huzen fan omwenners moat in ôfstân fan minimaal 2.000 meter oanhâlden wurde.

- Brânfeiligens foar nije én besteande stâlen en dierferbliuwen sille folle stranger wurde. Sprinklerynstallaasjes binne ferplichte en de dieren moatte by brân de stâl út flechtsje kinne.
- De Nederlânske Fiedsel- en Warenautoriteit (NVWA) sil aktyf tafersjoch hâlde op 'e oanwêzigens fan brânfeiligensregels by stâlen en diereferbliuwen. Uterlik yn 2021 moatte alle stâlen en diereferbliuwen oan 'e nije brânfeiligensregels foldwaan.

### Romte foar natuerlik hâlden en dragen.

Dêr't dieren hâlden wurde, moat it rjocht op natuerlik hâlden en dragen wetlik fêstlein wurde. Hinnen hearre in stofbad nimme te kinnen, bargaen moatte wrotte kinnen en kij en geiten hearre yn 'e greide.

- Alle dieren yn 'e feehâlderij krije it rjocht op frije útrin en hawwe bûten ek genôch mooglikheden om te skûljen.
- Yn 'e stâl hawwe dieren genôch romte, strie en ôfliedingsmateriaal.
- Kij wurde húsfeste yn famyljekeppels. Kealtsjes wurde net langer lyk nei de berte weihelle, mar meie opgroeie by harren mem yn 'e greide en de molke drinke dy't foar harren bedoeld is.
- De produksje fan blank keallefleis wurdt ferbean. It is net akseptabel dat keallen foar dit fleis mei sin siik makke wurde mei in izerearm dieet.
- Kreamboksen dêr't sûgen tusken stangen stean, wurde ferbean. Sûgen krije de gelegenheid te neskjen en harren biggen te fersoargjen.
- Nije stâlssystemen sille earst op dierewolwêzen- en miljeueffekten toetst wurde foardat se yn 'e praktyk brûkt wurde meie. Besteande stâlen krije sa'n toets mei weromwurkjende krêft.
- Yngrepen lykas it kastrearjen fan biggen, it kûpearjen fan sturten en it kij en geiten de hoarnen ôfsnije, sille net mear plakfine.
- Nederlân set him yn 'e EU yn foar in ferbod op 'e produksje fan foie gras (guozze- of einelever) en stelt in hannels- en ymportferbod foar dizze produkten yn.

### Gjin plofdieren.

In protte dieren binne sa fier trochfokt dat se yn in pear wiken fetmeste wurde kinne. Sy krije slimme problemen mei harren wolwêzen. In dierwurdich bestean betsjut ek dat dieren harren op natuerlike wize fuortplantsje kinne.

- It fokken op ekstreem flugge groei, lykas by hinnen en bargaen, en op ekstreme produksje, lykas by melkkij, wurdt ferbean. Plofhinnen dy't troch de poatsjes sakje en dikbilkij dy't net op natuerlike wize befalle kinne, sille ta it ferline hearre.
- Gjinn (faak pynlike) fuortplantingsmetoaden by dieren lykas embryospieling, embryo-transplantaasje en

hormonale fruchtberheidsbehandelings.

Gjin tastimming foar de ûntwikkeling fan nije fuortplantingsmetoaden at dy de lichaamlike yntegriteit en it wolwêzen fan dieren oantaaste.

- De (achterhelle) Europeeske identifikaasjeregels dy't it earmerken fan dieren ferplichtsje, sille ferdwine. Salang't dizze regels noch jilde, krije dyjingen dy't gewissebeswieren hawwe in ûntheffing fan 'e earmerkplicht.

### Oanpak leed yn slachthuzen en by diertransporten.

It tal dieren dat foar konsumpsje fokt en deamakke wurdt, moat och sa fermindere wurde. Dieren moatte sa min mooglik ferfierd wurde, en at se ferfierd en slachte wurde, dan moatte se sa min mooglik leed en stress hawwe.

- Feemerken wurde ferbean.
- Diertransporten duorje net langer as twa oeren. Op waarme dagen (dat wol sizze: by temperatueren fan 25 graden Celsius of heger) meie dieren net op transport set wurde. Der komt in folle strangere kontrôle en hanthavening fan 'e Nederlânske en Europeeske transportregels.
- Transporten fan libbene dieren nei lannen bûten de Europeeske Uny, lykas Turkije, binne net langer tastien. Oan ymport en trochfier fia de EU fan dieren út bygelyks de Feriene Steaten wei nei Azië komt in ein.
- Slachtmetoaden dy't slim leed feroarsaakje, lykas de wetterbadmetoade by hinnen en CO2-ferdôving by bargaen, skaffe wy drekt ôf.
- It ferbod op it slachtsjen sûnder ferdôving sil sûnder útsûndering jilde. Der komt in Nederlânsk en Europeesk ymport- en hannelsferbod op fleis fan dieren dy't sûnder ferdôving slachte wurde. Salang't der noch sûnder ferdôving slachte wurdt, jildt de ferplichte etikettering.
- Stâlen en slachterijen krije permanint kameratafersjoch. Feetransportweinen krije in GPS-folchysysteem, wat de lingte fan it transport ek is.
- De kontrôle fan alle skeakels yn 'e feehâlderij wurdt opfierd en komt yn hannen fan 'e oerheid yn plak fan 'e sektor sels. De Nederlânske Fiedsel- en Warenautoriteit (NVWA) kriget mear budzjet en mear tafersjochhâlders. De NVWA leit by oertredings fuortendaliks boetes op en makket de kontrôlegegevens iepenbier, mar ek it antibioatikaregister yn 'e feehâlderij.
- Op fleis, suvel en aaien komt in dúdlik etiket dat sjen lit wêr't it oanbelangjende dier berne is, hâlden is en – yn it gefal fan fleis – slachte is.

### Sûnens fan minske en dieren foarop.

Troch regionalisearring, it útbannen fan lange

ôfstântransporten en it ynkrampen fan 'e feehâlderij ferminderje wy de kâns op 'e útbraak fan diersykten.

- By útbraken fan net-deadlike diersykten wurdt de noarm dat dieren útsykje en werstelle kinne. Sike dieren meie net allinne om in ekonomyske reden deamakke wurde.
- Der komme sekuere regels foar it brûken fan antibioatika yn 'e feehâlderij. It previntyf jaan fan antibioatika stoppet.
- It ministearje fan Folkssûnens kriget de rezjy by it oanpakken fan in útbraak fan (mooglik) foar minsken besmetlike diersykten (zoönosen).

### Natuerlike rûntegongen werstelle.

Yn in duorsume lânbou binne de rûntegongen sletten en is der gjin ôffal mear.

- Wy stopje mei it ymportearjen fan soja en maïs as feefretten út lannen bûten de EU. Yn plak dêrfan wurdt duorsum feefretten fia regionale teelt produsearre.
- De dongproduksje fan 'e dieren út 'e Nederlânske feehâlderij wurdt ôfstimd op wat wy ferantwurde op ús ikkers brûke kinne. Hjir sil de feestepel bot troch krimpe moatte.
- It ynjekt earjen fan dong wurdt ferbean, it brûken fan keunstdong sil ta it ferline hearre.
- Gjin subsydzjes mear foar dongfergisters en gjin nije dongfergisters. Dongfergisters binne net dierfreonlik: de dieren moatte ophokt wurde om de dong opfange te kinnen. Se binne net duorsum en soargje boppedat foar (sûnens)risiko's en grutte oerlêst foar omwenners.

### Fiskfangsten beheine.

De Nederlânske fiskerij is meiferantwurdlik foar de strukturele oerbefisking yn 'e Europeeske wetters. Mar leafst 88% fan 'e fisksoarten is oerbefiske en 30% kin him nei alle gedachten net werstelle. Nederlânske fiskers plonderje – mei Europeeske subsydzjes – seeën bûten Europa, lykas foar de kust fan Afrika. De grutste trawlers yn 'e wrâld binne yn Nederlânske hannen. De skippen (boomkorren) ferneatige de seeboaiem mei sleepnetten.

- Fiskerijsubsydzjes wurde fuortendaliks ôfskaft.
- It foarsoarchsbegjinsel sil yn it fiskerijbelied foarop komme te stean. Dit hâldt yn dat it maksimum dat fiske wurde mei (fangstkwota) net heger fêststeld wurdt as ûnofhinklike mariene biologen ferantwurde fine. En as wittenskiplike gegevens net mear beskikber binne, wurdt der net fiske, of wurde flinke feiligensmarzjes ynboud met fangstkwota op in tige leech nivo.
- Ekosystemen en fisksoarten dy't der min oan ta binne, krije de kâns om harren te werstellen troch it ynstellen fan in totaalferbod foar de fiskerij. Foar de meast kwetsbere soarten lykas iel, kabeljou en tonyn wurdt fuort in fangstferbod ynsteld.



- Destruktive fiskerijtechniken wolle wy beëinigje. Meunstertrawlers, djipseefiskerij en skippen dy't mei sleepnetten de seeboaiem ferwoastje, wurde ûnder Nederlânske flagge ferbean.
- Nederlân bout de oerkapasiteit fan 'e fiskersfloat yn heech tempo ôf. De fangstkapasiteit fan 'e Europeeske fiskersfloat mei net grutter wêze as de ekosystemen yn 'e Europeeske wetters drage kinne.
- Bestearde ôfspraken sille sekuer neilibbe wurde om skealike fiskerijpraktiken tsjin te gean. It ferbod op it dumpen fan fongen fisk op see wurdt strang hanthavene, ûnder oaren fia kamera's of tafersjoch oan board. Fiskersboaten fan reders dy't harren net oan 'e regels hâlde moatte oan it keatling.
- Byfangsten wurde bot fermindere troch in ferbod op net-selektive fiskerijmetoaden.

### Leed tefoaren komme.

- De Partij foar de Dieren wol in ferbod op alle fangstmetoaden en metoaden fan deadzjen dy't lykop gean mei lang lijen en einigje mei ûnferdôve slacht. Finken dy't yn netten belâne of fia heakken (longlines) fongen wurde, meitsje bygelyks in grouwélige deastriid troch.
- Wy wolle fan 'e steande wantfiskerij ôf. Yn dizze steande netten komme ûnder oaren brúnfinken fêst te sitten, wêrtroch se ferdrinke.
- It sieden fan dieren wylst se noch yn libben binne lykas by kreeften, krabben en garnalen wurdt ferbean.

### Gjin fiskwekerijen: fee-yndustry yn it wetter.

Fiskwekerijen foarmje in nije fee-yndustry en losse boppedat it probleem fan 'e oerbefisking net op: in soad kweekte finken wurde fuorre mei fisk dy't wyld fongen is. Se binne net duorsum en alhiel net dierfreonlik.

- De Partij foar de Dieren wol dat der gjin tastimming mear ferliend wurdt oan nije fiskwekerijen.
- Bestearde fiskwekerijen wurde mei weromwurkjende krêft ûnôfhinklik toetst op dierewolwêzen en duorsumens. Fiskwekerijen dy't dizze toets net trochkomme, wurde sanearre.
- De hjoeddeiske fangstmetoaden en metoaden fan deadzjen yn fiskwekerijen wurdt ûndersocht en beoardiele op it lijen fan 'e finken. Der komt in ferplichting foar metoaden fan deadzjen dy't it lijen ta in minimum beheine.

### Duorsume, regionale lânbou foar in rjochtfeardige wrâld.

De Partij foar de Dieren wol in lânboubelied dat ûntwikkelingslannen gjin skea docht. Wy sette ús yn foar in regionalisearring fan 'e lânbou. De wize dêr't de westerske minske op konsumearret en produsearret,

hat drekte ynfloed op it libben fan minsken en dieren yn oare lannen. Troch harren jacht nei goedkeap iten en biobrânstoffen hawwe westerske lannen hieltyd faker skuld oan lantsjepik yn ûntwikkelingslannen.

- Europeeske lânbou- en fiskerijsubsydzjes wurde ôfboud. Dat jout boeren yn ûntwikkelingslannen wer earlike kânsen.
- Fiskerijakkoarden tusken de Europeeske Uny en oare lannen binne rôfakkoarten en wurde fan tafel fage of opsein.
- Lânbou wurdt bûten frijhannelsferdraggen lykas TTIP en CETA hâlden.
- De miljeu-easken en de easken foar it dierewolwêzen dêr't ús boeren oan foldwaan moatte, moatte ek jilde foar produkten dy't ymportearre wurde fan bûten de Europeeske Uny.
- Nederlân stiet der by de Wrâldhannelsorganisaasje op oan om dierewolwêzen te erkennen as kritearium om ymport fan net-dierfreonlike produkten te warren (non-trade concern).
- Nederlân stoppet mei it stimulearjen en eksportearjen fan systemen en produkten foar yndustriële lânbou lykas slachterijen, megastâlen, keunstdong, lânboufergif en genetysk manipulearre gewaaksen. Yn plak dêrfan wurdt ynvestearre yn regionale, agro-ekologyske itensfoarsjenning en yn regionale ynfrastruktuer.
- Alle eksportsubsydzjes en budzjetten foar eksportpromoasje ferdwine. Dat goedkeape lânbouprodukten mei subsydzje op 'e merken fan ûntwikkelingslannen dumpt wurde, kin sa tsjingean wurde.
- Grutte bûtenlânske bedriuwen krije faak tastimming fan (korrupte) rezjyms yn ûntwikkelingslannen om lânbougrûn te hieren of te keapjen. Dy grûn is lykwols faak fan lokale boerefamyljes. De Partij foar de Dieren wol dat Nederlân him yn ynternasjonaal ferbân ynset foar dizze grûnrôf. Ynvestearrings yn lân en grûn moatte foldwaan oan 'e kritearia fan 'e VN-minskerjochtenrapporteur foar it Rjocht op iten.
- Wy stoppe mei de ymport fan produkten dy't op oare plakken te'n koste gean fan 'e libbensomjouwing of dy't lykop gean mei it skeinen fan minskerjochten en dierewolwêzen.
- Wy sette yn op 'e regionale produksje fan feefretten, sa't de massale ymporten fan soja en maïs foar feefretten stoppe wurde kinne. Sa sette wy in rem op it kapjen fan it reinwâld.

# 4. Natuer

## Natuerlik: pleats it kostberste wat der is sintraal

**De natuer mei har ferskaat oan planten, dieren en ekosystemen is it weardefolste dat der is; bioferskaat leveret soerstof, skjin wetter, in stabyl klimaat en fruchtbere grûn en foarmet sa de basis fan it libben. It is ús plicht om te soargjen foar in leefbere ierde, no en yn 'e takomst.**

Yn Nederlân stean natuer en bioferskaat ûnder grutte druk. Natuergebieten wurde opoffere foar asfalt, bedriuweterreinen en stêdebou. Ferdonging en ferdrûging, benammen as gefolch fan 'e yntensive lânbou en de feeyndustry, bringe de oerbleaune natuer in soad skea ta. Fan 'e oarspronklike biodiversiteit is yn Nederlân noch mar 15% oer. Dêrneist hat Nederlân in wichtich part yn it ferneatigjen fan 'e natuerlike rykdommen earne oars op ierde. De grutskalige ymport fan soja as iten foar de hûnderten miljoenen dieren yn 'e Nederlânske feeyndustry gean te'n koste fan tropysk reinwâld en oerbosken.

Ek de natuer yn 'e Nederlânske wetters is der min oan ta. Lânbougif en dongstoffen yn rivieren, sleatten en marren fersteure de ekology ûnder wetter. Oerbefisking hat de Noardsee en de Waadsee earnstich oantaaste. Fiskerijtechniken wêrby't de boaiem fan 'e see omploegje wurdt om fisken yn 'e netten fan fiskers te jeien, bringe grutte skea ta oan 'e seeboaiem. In soad fisksoarten wurde mei útstjerren bedrige.

### Natuer ferbine en behâlde.

De natuer dy't wy noch oer hawwe yn Nederlân, moat natuer bliuwe. Troch natuergebieten meiinoar te ferbinen krije plante- en diersoarten bettere kânsen.

- Natuerbelied wurdt wer de foarste taak en ferantwurdlikheid fan it Ryk yn plak fan dy fan provinsjes.
- De oarspronklike Ekologyske Haadstruktuer (EHS), in netwurk fan oaniensletten natuergebieten, wurdt folslein realisearre yn 'e folgjende kabinetsperioade.
- Robúste ferbiningssônes tusken natuergebieten wurde op koarte termyn oanlein.
- De dieren yn 'e Eastfaardersplassen krije mear natuerlike beskutting en tagong ta in grutter natuergebiet. It Eastfaarderswold wurdt sa gau as mooglik oanlein om de Eastfaardersplassen mei de Feluwe te ferbinen, sa't dieren neffens harren natuerlike ferlet fan gebiet nei gebiet lûke kinne.
- Natuergebieten dy't it punt fan net te kearen oantaasting naderje, wurde mei foarrang wersteld.

- Aktiviteiten en projekten dy't te'n koste gean fan besteande natuer, meie allinne trochgean as se oantoanber en essinsjeel bydrage oan duorsumens op 'e lange doer. Opoffere natuer wurdt yn it foaren yn 'e drekte omjouwing kompensearre.
- Provinsjes krije in resultaatferplichting foar natuerwerstel mei konkrete terminen en doelstellingen.
- De natuer wurdt frij fan stikeltried.
- Bouwe yn it grien mei net goedkeaper wêze as bouwe yn ferstienne gebiet. As der al boud wurdt yn it grien, komt der op kosten fan 'e projektûntwikkelder natuer foar werom dy't yn omfang trijeris sa grut is en fan bettere ekologyske kwaliteit as it gebiet dat ferlern giet.

### Griene stêden en doarpen.

De Partij foar de Dieren fynt it de heechste tiid om stêden en doarpen griener te meitsjen. Griene stêden en doarpen leverje ús in soad op: wy besparje enerzjy, hawwe minder wetteroerlêst en hoege yn 'e simmer net te flechtsjen foar de hitte fan opwaarmd beton. Mei grien om ús hinne binne wy boppedat sûner.

- In lanlik aksjeplan soarget foar behâld en it weromkommen fan natuer yn stêd en doarp.
- Wy stelle in wetlike noarm foar stedsk grien dy't oanslút by de noarm fan 'e Feriene Naasjes: 48 m<sup>2</sup> grien per ynwener fan stêd of doarp.
- Wy skerpje kritearia foar kapfergunnings flink oan om beammen better te beskermjen.
- Wy pleitsje foar natuer-ynklusyf bouwen: foar nijbou jilde natuerdoelstellingen, lykas griene dakken, nêstgelegenheid foar dieren, beammen en struken yn 'e strjitte en natuer om yn te boartsjen om 'e hoeke. Ek by isolaasje en renovaasje fan besteande gebouwen wurdt ferplichte rekken hâlden mei de natuer.
- Boargers sille wy stimulearje en foarljochtsje om harren tún natuerlik yn te rjochtsjen.
- Oerheden ûnderhâlde de iepenbiere romte sûnder fergif te brûken.
- Middels dy't skealik binne foar de sûnens fan minsken en dieren of foar it miljeu, lykas gemyske bestridingsmiddels, wurde ferbean en sille

fuortendaliks út 'e skappen fan túnsintra en oare winkels helle wurde.

### Beskerming fan natuer.

Yn ús lân binne de yntensive lânbou en de fee-yndustry de grutste bedrigings foar de natuer. Dochs pakt de oerheid dy problemen net by de woartel oan. Nederlân hâldt him allinne mar oan it minimale beskermingsnivo dat Europa ferplichtet en besiket sels dêr ûnderút te kommen. Dat moat feroarje.

- Om natuergebieten hinne wurdt de fee-yndustry ferhastige ôfboud.
- Gjin subsydjes foar luchtwaskers of emisje-earme stâlssystemen fan 'e fee-yndustry. Ek foar de fee-yndustry sil jilde dat de fersmoarger betellet.
- Grûnwetterstannen wurde net langer oanpast oan 'e lânbou, mar oan it ferlet fan 'e natuer. Sa krije ferdrûgingsgefoelige gebieten kâns om te werstellen.
- De fergunningsplicht foar aktiviteiten yn en om beskerme natuer hinne wurdt wer folslein yn 'e wet ferankere. Yn en om Natura2000-gebieten hinne fine gjin mynbouaktiviteiten (bygelyks gaswinning) plak.
- Steatsboskbehear wurdt net privatisearre, natuergebieten fan 'e oerheid wurde net ferkocht.
- Rekreaasje mei net te'n koste gean fan natuer en lânskiplike wearden.
- Mei in aksjeplan pakke wy ljochtfersmoarging troch glêstúnbou en oare minsklike aktiviteiten oan. Oerheidsgebouwen jouwe hjir it goede foarbyld yn.
- De kust kriget bettere beskerming. Der komt in ein oan bebouwing yn 'e dunen en oan 'e kust.

### In natuernetwurk yn 'e Noardsee en de Waadsee.

De Noardsee is ús grutste natuergebiet, mei fan oarsprong in grutte soarterykdom. Spitigernôch ferkeart it gebiet yn kritike tastân. Troch yntensive fiskerij binne grutte fisken lykas haaien en roggen dêr seldsum. De Waadsee moat de beskerming krije dy't dit UNESCO-wrâlderfguod fertsjinnet.

- Fersteurende ekonomyske aktiviteiten lykas gaswinning en fiskerij hearre yn dizze seeën net thús.
- Foar werstel en behâld fan marine ekostystemen wurdt ynderhaast it 'nee, of it moast wêze dat'-prinsipe tapast. Der wurdt net mear fiske oant ûnôfhinklike biologen oantoane kinne dat fangst út it eachpunt fan bioferskaat en fiskpopulaasjes wei ferantwurde is.
- Der komme mear beskerme seereservaten. Hjir is gjin plak foar fiskerij of oare skealike aktiviteiten. Gebieten lykas it Fryske Front en de sintrale oestergrûnen krije folsleine beskerming.
- Yn 'e wet Natuerbeskerming wurdt de beskerming fan ferskate kwetsbere trekfisken en seesûchdieren wersteld.

- Ekologysk weardefolle skipswrakken wurde beskerme.
- De mooglikheid foar fisken om te migrearjen wurdt in hurde betingst foar wetterkrêftynstallaasjes.

### Beskerming Nederlânsk-Karibyske natuer.

Bonaire, Saba en Sint-Eustatius kenne in grutte soarterykdom oan planten en dieren. Dizze bysûndere natuer fertsjinnet goede beskerming.

- De Ryksoerheid draget fia regels, hanthavening, kennis en finansjele stipe by oan it behâld fan 'e natuer op en by Karibysk Nederlân.
- Yn it wyld libjende dieren en losrinnende dieren op 'e eilannen, lykas ezels, krije optimale beskerming.
- Beskerming fan 'e koraalriffen kriget hege prioriteit.

# 5. Miljeu, klimaat en enerzjy

Alles fan wearde beskermje. Alles wat krap is earlik ferdiele.

**De Partij foar de Dieren is de ienige partij dy't de draachkrêft fan 'e ierde foarop set by elke beliedskar. Wy slute gjin kompromissen oer in duorsume takomst. Wy binne dêrmei de oanjager fan in ambisjeuzer miljeubelied. Sunich mei de ierde omspringe mei gjin holle frase wêze, it is letterlik fan libbensbelang. Us planeet soarget foar ús skjinne lucht, wetter, in sûne boaiem en de grûnstoffen dy't wy nedich hawwe foar it fuortbestean fan minsk en dier.**

At alle wrâldboargers op dit stuit konsumearje soenen lykas de gemiddelde Nederlanner, dan soenen der hast trije wrâldbollen nedich wêze om dêryn te foarsjen. De Partij foar de Dieren stiet foar in krêftich klimaat-, enerzjy- en miljeubelied. Dêr is in wrâld mei te winnen. De kosten troch de wrâldwide klimaatferoaring kinne troch de helte at wy fleis, fisk en suvel faker stean litte en plantaardiger fet ite. De produksje fan fleis yn 'e wrâld feroarsaket 40% mear broeikasgasse-útstjit as ál it ferkear en ferfier by elkoar opteld. De Klimaatsaak, dêr't de rjochter de Nederlânske Steat yn op 'e fingers tikke hat omdat de Steat te min docht tsjin klimaatferoaring, makket op pynlike wize dúdlik dat wy fluch oerstappe moatte op plan B.

Ekologyske fuotprint lytser meitsje. De hjoeddeiske miljeuproblemen freegje om in oanpak dy't alles omfiemet: technologyske oplossings én in feroaring fan ús konsumpsjepatroan.

- Mei in Deltaplan Duorsume konsumpsje stimulearret en stipet de oerheid op alle fronten de omskeakeling nei duorsume konsumpsje. It ferminderjen fan 'e fleis- en suvelkonsumpsje leveret fierwei de measte klimaat- en miljeuwinst op en hat dêrom topprioriteit.
- Wy sille de werklike kosten fan produkten en tsjinsten yn 'e priis trochberekkenje, sa't se net mear op 'e hiele maatskippij ofskood wurde.
- De oerheid jout ûnôfhinklike en dúdlike ynformaasje oer de ympakt fan produkten en tsjinsten op klimaat en miljeu.
- Alle belied, op hokker mêd dan ek, wurdt op duorsumens beoardiele.
- De oerheid jout it goede foarbyld. De noarm foar ynkeap fan alle produkten en oanbestegings wurdt: 100% duorsum en fair trade. Dit jildt ek foar de ynkeap fan iten, enerzjy en bedriuwsklean.
- Foar it midden- en lytsbedriuw wurdt it makliker makke om opdrachten fan 'e oerheid te krijen.

Broeikasgassen reducearje. Nettsjinsteande alle moaie tasizzings is de útstjit fan CO<sub>2</sub> yn Nederlân tanommen yn plak fan sakke. De Partij foar de Dieren wol dat Nederlân it berikken fan 'e klimaatdoelen ta prioriteit makket en echt aksje ûndernimt. Op nei in werklik CO<sub>2</sub>-earme ekonomy!

- De regearing staket har ferset tsjin de útspraak fan 'e rjochter yn 'e Klimaatsaak. Yn plak dêrfan stekt de regearing har enerzjy yn it neikommen fan 'e ferplichtings én it realisearjen fan 'e ambysjes dy't nedich binne om de opwaarming fan 'e ierde werklik te beheinen ta maksimaal 1,5 graad Celsius.
- In klimaatwet dy't it reducearjen fan broeikasgassen ferplichtet, giet sa gau as mooglik yn. Dêr is yn fêstlein dat yn 2020 de útstjit fan broeikasgassen 40% minder is as yn 1990, en yn 2030 65% minder. Yn 2040 is Nederlân CO<sub>2</sub>-neutraal en der wurdt gjin fossile brânstof mear brûkt.
- Nederlân giet wer foarop yn it meitsjen fan mondiale, binende ôfspraken om de útstjit fan broeikasgassen te reducearjen.
- Nederlân pleitet binnen Europa foar ôfskaffing fan it mislearre hannelssysteem yn CO<sub>2</sub>-útstiet (Emissions Trading System (ETS)). Dêr komme binende reduksjeferplichtings foar yn it plak.
- Opslach fan CO<sub>2</sub> en ôfkeap fan 'e reduksjedoelstellings yn oare lannen binne gjin duorsume oplossings en wurde yn it berikken fan 'e Europeeske reduksjedoelstellings net meiteld.

## Enerzjy besparje en ferduorsumje.

Wy sille duorsume enerzjy opwekke, ticht by hûs; dat is needsaaklik foar it miljeu en de natuer en it makket ús minder ôfhinklik fan lannen dy't oalje en gas produsearje. Tegearre mei dyn buorlju griene enerzjy opwekke wurdt makliker. Bygelyks troch sinnepanielen op 'e dakken. Watsto opwekke, hoechsto net te brûken mar kinst diele mei oaren, belestingfrij. Besparing op it brûken

fan enerzjy is de earste, bêste en goedkeapste stap nei in duorsum en hâldber enerzjybelied. Troch de enerzjy dy't wy wol brûke lokaal en op lytse skaal op te wekken, kreëarje wy griene banen.

- Yn 2030 besparret Nederlân 50% enerzjy wat 2014 belanget. It persintaazje duorsume enerzjy wurdt ophege nei 25% yn 2020, en 60% yn 2030. Yn 2040 binne wy safier dat alle enerzjy duorsum opwekke wurdt.
- De enerzjymerk wurdt bot herfoarme; oan 'e neidielige effekten fan 'e te fier trochfierde liberalisearring wurdt peal en perk set.
- Enerzjybedriuwen wurde ferplichte om in alle jierren oprinnend persintaazje oan duorsum opwekke stroom te leverjen. Wy stelle in maksimum oan 'e útstjit fan broeikasgassen troch nije én besteande enerzjysintrales. Dat maksimum wurdt perioadyk nei ûnderen bysteld.
- Grutferbrûkers fan enerzjy krije gjin subsydzjes of belestingkoarting mear.
- De miljeukosten fan 'e produksje fan elektrisiteit berekkenje wy safolle mooglik yn 'e priis troch, sadat smoarge enerzjy djoerder wurdt en skjinne enerzjy relatyf goedkeap.
- Duorsume enerzjy kriget foarrang op it enerzjynetwurk, mei 'tûke enerzjynetten' (smart grids), dy't fieden wurde troch griene, lytsskalich en desintral opwekke enerzjy. De privacy fan 'e brûkers en leveransiers mei dêrby net stûkje.
- Der komt in masterplan foar it duorsum waarmte opwekjen en distribuearjen.
- Nederlân kiest foar sekuere noarmen foar enerzjyferbrûk fan apparaten, ferfiermiddels en datasintra en set him yn foar in Europeesk enerzjylabel dat rekken hâldt mei it ferbrûk en mei de hiele libbenssyklus, fan produksje oant recycling.
- Oerheidsynvestearrings yn enerzjyûndersyk rjochtsje harren tenei op enerzjybelesting en duorsume enerzjyproduksje.
- Frijhannelsferdraggen lykas TTIP en CETA moatte stoppe wurde. Dizze hannelsdeals liberalisearje de hannel yn enerzjyprodukten.
- Slim fersmoargjende fossile brânstoffen lykas tearsânolje en skalygas komme Europa net mear yn; Nederlân sil him dêr foar ynsette. Bedriuwen lykas Shell en BP sille boppedat ferplicht rapportearje oer de klimaat- en miljeu-ypakt fan harren brânstoffen.
- It brûken fan gas wurdt djoerder, sa't besparjen op gas leane sil.
- De gaswinning yn Grins wurdt sa gau as mooglik stop set. Wy bouwe sa fluch as kin ôf nei in maksimale winning fan 12 miljard kûb it jier. Yn gjin gefal wurdt der mear wûn as 21 miljard kûb it jier. As it even kin wurde gasleveringskontrakten oan it bûtenlân opsein.
- De ynlânske fraach nei gas daalt troch bettere isolaasje

fan huzen en gebouwen, en troch alternative wizen fan ferwaarming.

- Skaly- en stienkoalgas bliuwe yn 'e grûn, de winning wurdt ferbean. Der komme gjin fergunnings foar proefboarings. Besteande fergunnings wurde ynlutsen.
- CO<sub>2</sub>-opslach ûnder Nederlânske boaiem wolle wy net hawwe, ek net ûnder de Noardsee. Lege gasfjilden wurde net brûkt foar de opslach fan (ymportearre) ierdgas.
- Gjinnije koale- of kearnsintrales. Besteande sintrales wurde sa gau as mooglik sletten. Stroom út koale- of kearnsintrales mei it Nederlânske elektrisiteitsnet net op. Wy fersette ús tsjin de opslach fan nij kearnôffal. Bestead radioaktyf ôffal wurdt op kosten fan enerzjybedriuwen adekwaat opromme en opslein.
- Wynenerzjy wurdt mooglik makke op lokaasjes dêr't minsken, dieren en natuer der gjin of amper hinder fan ûnderfine. Wyparken op see meie gjin oantoanbere neidielige effekten op it seelibben hawwe. Sa wurdt by de bou fan wynmûneparken net heid.
- Dongfergisters binne gjin duorsume enerzjyboarne. Se soargje derfoar dat dieren it hiele jier op stâl stean moatte om de dong op te fangen en feroarsaakje sûnens- en feiligensrisiko's foar omwenners. Nije dongfergisters wurde net mear boud. De subsydzjes op dongfergisters stoppe.
- Der komme duorsumenskritearia foar biobrânstoffen. Salang't oan dy kritearia net foldien is, wurde der gjin biobrânstoffen ymportearre. Ferplichte byminging stoppet fuortendaliks, lykas de ymport fan hout en palmoalje foar enerzjyproduksje.

### Duorsum bouwe en wenje.

Yn en om ús wenning kinne wy mear enerzjy opwekje as wy brûke. Dat leveret miljeuwinst en in legere enerzjyrekken op.

- Fan 2018 ôf bouwe wy alle gebouwen teminsten enerzjyneutraal: sy produsearje minstens sa folle enerzjy as se ferbrûke. Ek besteande gebouwen en wenhuzen wurde yn heech tempo enerzjyneutraal makke. Fan 2025 ôf bringt de nije beboude wyk mear enerzjy op as ferbrûkt wurdt. Nije wiken wurde gasfrij.
- Enerzjyrenovaasjes wurde stimulearre troch tapassing fan it lege btw-taryf.
- Sels opwekke elektrisiteit moatst oan it net werom leverje kinne, foar de priis dy'tst sels foar stroom betellest. Belestingfrij!
- Bewennerskollektiven meie opwekke enerzjy ûnderinoar útwikselje, sûnder dat se dêr belesting foar betelje. Hjirtroch kinne hiele wiken meinoar enerzjy opwekje en diele. De oerheid stimulearret buertbatterijen. Der komt in fiskaal oantreklike regeling foar desintrale enerzjynetwurken.

- Wenningkorporaasjes wurde ferplichte om alle jierren in part fan harren wenningbestân te isolearjen.
- De ûnreplik saakbelesting (ozb) wurdt differinsearre nei enerzjylabel en enerzjyferbrûk.
- Ferljochting dy't net nedich is, lykas yn kantoaren nei slutingstiid, wurdt tsjingien, krekt lykas it iepensetten fan winkeldoarren wylst it bûten kâld is. Der komt in ferplicht enerzjylabel foar alle kantoarrromtes. Oerheidsgebouwen hawwe it enerzjylabel A of wurde sa oanpast dat sy hjiroan foldwaan sille.
- Sinnepanielen op gebouwen, by sneldiken lâns en om fleanfjilden hinne wurde de noarm.

Sunich mei grûnstoffen.

Grûnstoffen binne krap en de winning derfan giet faak lykop mei miljeufersmoarging en it skeinen fan minskerjochten. Wy moatte sunich omspringe mei grûnstoffen en se opnij brûke en út besteande produkten weromwinne.

- Der komt in Grûnstoffewet mei binende ferplichtings. Yn 2030 moat it brûken fan grûnstoffen mei de helte fermindere wêze en wurde alle grûnstoffen opnij brûkt.
- Grutte bedriuwen sille in grûnstoffeboekhâlding byhâlde en harren útstjit fan broeikasgassen ynsichtlik meitsje.
- Nije produkten wurde ûntwurpen neffens strange easken fan duorsumens, sa't dy produkten lang meigean, reparearre wurde kinne en de materialen ienfâldich opnij brûkt wurde kinne. Bygelyks mei in staasjeildsysteem foar elektroanika en wytguod.
- Fiskale maatregels befoarderje it dielen fan apparaten en auto's mei oaren. It besit fan fersmoargjende apparaten wurdt minder oantreklik makke.
- It plestik yn seeën, marren en oasean sille wy mei in aksjeplan te liif. Mei ûnder mear in ferbod op microplastics yn kosmetika, wetlike doelstellings foar fermindering fan swalkôffal en regels foar klean- en waskmachinefabrikanten om it frijkommen fan syntetyske fezels yn it wetter tsjin te gean.
- Staasjeild sil behâlden bliuwe en wurdt útwreide ta frisdrankblikjes, fuortgoaibekers en lytse (plestik) fleskes.
- Wy beëinigje it stoarten en ferbrânen fan ôffal en ferbetterje de ôffalynsammeling. Nije produkten moatte foar in grut part út materialen bestean dy't recycled binne.
- Gjin hús-oan-húsfersprieding fan drukwurk mear dêr't net om frege is. De regel wurdt: do krigest gjin folders of krantsjes, of it moat wêze datst dêr mei in stikker op 'e brievebus om fregest.

### Skjinne lucht en skjin wetter.

- De kwaliteitsnoarmen foar lucht, wetter, boaiem

en wetter wurde op basis fan it foarsoarchsbegjinsel fêststeld en sa gau as mooglik berikke.

- De noarmen foar luchtkwaliteit yn iepenbiere gebouwen, benammen skoallen, wurde kontrolearre en hanthavene.
- Oerflaktewetterfersmoarging troch medisynrêsten wurdt weromkronen; der komt in aparte suvering fan ôffalwetter út sikehuzen en ferpleechhuzen.
- Hormoanfersteurende stoffen yn ûnder oaren itensferpakkings, boartersguod en lânboufergif wurde ferbean.

### Tûker ferfier en transport.

De Partij foar de Dieren wol rom baan foar de fuotgonger, foar de fyts en foar duorsum, effisjint en noflik iepenbier ferfier.

- Wen-wurkferkear mei de auto wurdt weromkronen, fleks- en thúswurkje wurdt stimulearre. Fiskale stimulearring fan it fytsen bliuwt behâlden, de woon-werkaf trek foar auto's wurdt ôfboud, wêrby't rekken hâlden wurdt mei bewenners yn tinbefolke gebieten.
- Der wurdt wurke oan it ferduorsumjen fan frachtferfier troch de stêd om stedsynfarkten tsjin te gean.
- Folsleine elektryske auto's en auto's dy't op wetterstof ride wurde fiskaal mear oantreklik. Yn 2025 wurde der gjin nije auto's mei ferbranningsmotors mear ferkocht.
- Mear asfalt lost it fileprobleem net op, mar soarget foar in taname fan it brûken fan 'e auto en dêrmei foar in fierdere stiging fan 'e útstjit fan broeikasgassen en fynstof. Dêrom gjin nije diken en gjin ferbreiding fan besteande diken, of it soe wêze moatte om miljeufersmoargjende knyppunten op te heffen of de ferkearsfeiligens te befoarderjen. Dat betsjut ek dat de ferbreiding fan 'e A27, de Rynlânrûte, Ringwei Grins, de Rotterdamske Baan en de Blankenburchtunnel net trochgean.
- Automobilisten dy't net in soad kilometers of bûten de spits ride sille minder belesting betelje as minsken dy't in soad autokilometers meitsje. Foar minsken dy't yn tinbefolke gebieten wenje jildt in útsûndering foar dy kilometerbeprizing. Dêr wurdt goed ynvestearre yn better iepenbier ferfier sa't minsken minder ôfhinklik fan 'e auto wurde. De nije beprizing giet lykop mei sekuere boarch fan 'e privacy. Der komt in ynvestearingsfûns foar it ûntwikkeljen fan duorsume mobiliteit fan persoanen en fracht op grutte skaal. Ynnovaasje en it útrôljen fan in mienskiplike ynfrastuktuer wurdt betelle út ûnder mear de opbringsten fan 'e kilometerbeprizing foar de auto.
- Wy ynvestearje yn feilige fytspaden en yn (nije) fytsneldiken. Besteande fytspaden wurde goed ûnderhâlden. Ferkearsljochten wurde sa ôfsteld dat fytsers en it iepenbier ferfier earder grien ljocht krije en

foarrang by rein.

- Ut alle wenkearnen wei binne de ûnderwiis- en soarchynstellings en de oerheidstsjinsten mei it iepenbier ferfier goed berikber, ek foar minsken mei in lichaamlike beheining. It iepenbier ferfier wurdt betrouber, betelber en tagonklik, ek op it plattelân.
- Treinstasjons wurde better tagonklik makke foar âlderein, minsken mei in beheining en fytsters, mei genôch en feilige fytsestellings. It OV-fytssysteem wurdt ynfierd op alle treinstasjons en alle belangrike OV-knooppunten.
- It reizgjen mei de trein moat noflik wêze en oanslute by it ferlet fan 'e (saaklike) reizger. It tal treinen wurdt útwreide. Op alle knooppuntstasjons komme gearkomste- en wurkfasiliteiten. Yn alle treinstellen binne wc's, stopkontakten en ynternet.
- Duorsum persoane- en frachtferfier oer wetter wurdt stimulearre, ynklusyf fearferbinings.
- Nederlân set yn op betroubere, betelbere, emisje-earme en flugge iepenbier ferfierferbinings yn Europa, mei direkte ferbinings tusken belangrike stêden. It fleanferkear binnen Europa wurdt sa weromkronen.
- De maksimumsnelheid op autodiken wurdt werombrocht nei 120 km yn it oere en op ringdiken maksimaal 80 km yn it oere.
- Gemeenten en provinsjes dy't in miljeusône ynstelle, kinne op aktive stipe rekkenje. Yn it sintrum jildt in maksimumsnelheid fan 30 km yn it oere. Yn natuergebieten jilde nachtlke snelheidsbeheinings yn it belang fan 'e feiligens fan minsk en dier.
- De oerheid stipet de ûntwikkeling fan trekkers foar de lânbou dy't op wetterstof ride.
- Nederlân ynvestearret net yn 'e útwreiding fan luchthavens. Schiphol, Luchthaven Lelystad, Groningen Airport, Eelde en Maastricht Aachen Airport wurde net fierder útwreide. Fleanfjild Twente wurdt net oanlein.
- Belestingfoardielen foar it fleanferkear, lykas frijstellings fan btw en aksynzen, wurde ôfskaft. De werklike kosten fan reizen moatte yn 'e priis trochberekkene wurde: de fersmoarger betellet. Op flechten nei en út Europa wei wurdt in CO<sub>2</sub>-belesting heft.

### Romte foar romte.

Yn Nederlân is mar in bytsje iepen romte. De romte dy't der is, moatte wy koesterje. It belang fan in griene, skjinne libbensomjouwing foar minske en dier stiet yn alle romtelike plannen foarop.

- Us drinkwetter en it miljeu moatte wy beskermje: ek dêrom wurdt de opslach fan kearnôffal en CO<sub>2</sub> ûnder de grûn net tastien.
- Wannear't de kwaliteit fan 'e libbensomjouwing

oan 'e oarder komt, wurde fergunningsoanfragen foar bouplannen ôfwisid.

- Der komt in omjouwingwet wêryn't de beskerming fan ús folkssûnens, it miljeu en it lânskip foarop stiet.
- Kontrôles en hantaving by fabriken en bedriuwen dy't in risiko foarmje foar folkssûnens en libbensomjouwing wurden yntinsivearre en net langer yn 't foar oankundige. Oertredings wurden fuort beboete.
- Binnenstedsk bouwe wurdt de noarm. Bedriuweterreinen fertutearje troch in soad leechsteande pannen. Dy pannen wurde werûntwikkele en renovearre; nijbou fan kantoaren en bedriuwshallen en oanlis fan nije terreinen wurde tsjingien. Lege kantoarpannen in oare funksje jaan, lykas wenjen, wurdt makliker. By leechstân fan kantoar- en winkelpannen jildt net langer in ferlege OZB-belesting.
- Terreinen dy't braaklizze wurde aktyf ree makke foar stedslânbou, natuerûntwikkeling en kollektyf behearde parken en natuerboartersplakken. Terreinen dy't noch net benut wurde, wurde ynrjochte as bijen- en flinterfjildsjes. Omwenners wurde aktyf belutsen. Dit jildt benammen ek foar de hûnderten en hûnderten 'oertallige grûnen' yn oerheidsbesit. It Ryk en de Provinsjes sille dy net langer ferfrjemdzje, mar ekstinsyf en blomryk beheare.

## Ynternasjonaal

### Helpboarnen earlik diele.

- De oerheid sil stranger kontrolearje oft bedriuwen (multinationals) harren hâlde oan nasjonale en ynternasjonale standerts mei in spesjaal ta dit doel oanstelde tafersjochhâlder.
- Der sille hurde easken foar duorsumens steld wurde oan 'e ymport en winning fan al ús grûnstoffen. Dizze jilde net allinne foar de ymporteurs fan 'e grûnstoffen, mar ek foar alle produkten en healfabrikaten dy't makke binne.
- Grutte bedriuwen jouwe ferplichte ynsjoch yn 'e werkomst fan 'e materialen dy't sy brûke en de omstannichheden yn it produksjekeatling. Sy publisearje alle jierren in winst- en ferliesrekken foar minsk, dier, omjouwing en klimaat.
- Nederlân stoppet mei it eksportearjen fan ôffalprodukten en giftige stoffen nei ûntwikkelingslannen om dy dêr goedkeap ferwurkje te litten.
- Eksportkrediten fan 'e oerheid wurde wakker strang beoardiele op 'e gefolgen fan it projekt foar minsk, dier en miljeu.

### Ynternasjonaal miljeubelied.

- De Partij foar de Dieren wol yn takomstige klimaat-,

miljeu- en natuerferdraggen konkrete tuskendoelen opnimme, dêr't lannen ferantwurdig oer ôflizze. Ynternasjonale ferdraggen en ôfspraken oer miljeu, klimaat, bioferskaat, minskerjochten en maatskiplik ferantwurde ûndernimmen wurde sa gau as mooglik yn binende regels omset, sawol op it nivo fan 'e EU as op dat fan 'e lidsteaten.

- Nederlân set him yn foar de oprjochting fan in Ynternasjonaal Miljeugerjochtshôf dat miljeukonflikten beslochtsje kin en oertredings bestraft.
- It Ynternasjonaal Strafhôf kriget de mooglikheid om bedriuwen of lannen dy't skuld hawwe oan ekoside te ferfolgjen. Ekoside is it op grutte skaal skeinen of ferneatigjen fan ekosystemen yn in bepaald gebiet. Dy nije taak soe ek ûnderbrocht wurde kinne by it op te rjochtsjen Ynternasjonale Miljeugerjochtshôf.
- Wy soargje foar in klanteregistraasje en –ôfhanneling fan miljeudelikten dy't goed wurket en biede slachtoffers help om harren lyk en rjocht te dwaan.



# 6. Wenjen, soarch, ûnderwiis, wittenskip en kultuer

In maatskippij dêr't elkenien him of har yn thús fiele kin

**De Partij foar de Dieren wol in belutsen oerheid dy't boargers tagong jout ta it rjocht op wenjen, soarch, ûnderwiis, wittenskip en kultuer. Lykas de wet de siswize kent 'as in goede húsfaar', sa soe ek 'Vadertje Staat' him hâlde en drage moatte. Net beskoalmastjerend, mar tsjinstber oan in maatskippij dêr't elkenien him yn thús fiele kin.**

## Wenje sûnder soargen.

In betelber, duorsum hûs yn in noflike wenomjouwing draacht by ta it wolwêzen fan minsken. Wenjen moat betelber wêze foar elkenien en gjin ûnevenredich beslach lizze op it ynkommen.

- Banken wurkje ferplichte mei oan in rommere mooglikheid ta it boetefrij ôfflossen fan besteande hypoteken.
- Wenningkorporaasjes wurde lytser en hâlde harren net langer mei kommersjele nevenaktiviteiten dwaande. Bewenners krije mear ynfloed fia fersterke ynspraak.
- Meargeneraasjewenjen wurdt oanmoedige mei romhertich belied om it bouwen fan oanleunwennings foar jongerein of âlderein op harren hiem hinne. Dy wennings hoege net mear ferwidere te wurden salang't se ynset wurde foar it húsfesten fan jongerein of senioaren.
- De oerheid fiert stimulearjend belied om 'tiny houses' (ferpleatsbere lytse huzen) mooglik te meitsjen. Wa't besteande wennings ferfange wol troch lytsere of op eigen hiem in tiny house bouwe wol as meargeneraasjewenning wurdt net behindere at de totale beboude oerflakte net tanimt.
- Wenningboukorporaasjes en projektûntwikkelders ûntwikkelje wennings dêr't wenjen en soarch meiïnoar kombinearre wurde.
- Hierders fan (studinte)keamers krije rjocht op hiertaslach at de hier foldocht oan it puntesyteem.
- Dêr't in tekoart oan studintenwennings is, wurde gau duorsume wennings realisearre, it leafst yn leechsteande (kantoar)gebouwen.
- Wylst in soad minsken op syk binne nei in betelbere wenning, steane in soad gebouwen leech. Leechstân mei net beleane wurde, it kreakferbod wurdt weromdraaid.
- Om de stiging fan 'e hieren yn 'e grutte stêden net

fierder op te driuwen, wurdt in anti-spekulaasjebetingst ynfierd.

- De ferhierdersheffing wurdt ôfskaft.
- De hierpriis wurdt keppele oan 'e kwaliteit fan 'e wenning. Dat is earliker en soarget foar mear lykwicht op 'e wenningmerk.
- Liberalisaasje fan sosjale hierwennings yn gebieten mei in tekoart oan wennings wurdt net tastien.
- De oerheid sil stranger hannelje tsjin malafide ferhier fan wenningromte en hûskemelkers.

## Beskerming omwenners tsjin gefaarlike yndustry.

- Gemyske yndustry kin in grut risiko foarmje foar minsken, dieren, de natuer en it miljeu. De opslach, ferwurking en útstjit fan stoffen troch de gemyske yndustry wurdt yntensiver kontrolearre troch de oerheid. It te kontrolearjen bedriuw betellet dy ekstra kontrôles.
- Nederlânske kearnreaktors, lykas dy yn Borssele en yn Petten, wurde sletten. Medyske isotopen wurde tenei makke mei dieltsjefersnellers. Nederlân slút him oan by de oprop fan Dútslân en Lúksemboarch om de Belgyske kearnsintrales yn Doel en Tihange te sluten. Salang't dy kearnsintrales net sletten binne, is Nederlân tared op in mooglike kearnramp yn België.
- Om ierdbevings en skea foar te kommen wurdt de gaswinning yn Grins werom brocht ta it as feilich beskôge nivo fan 12 miljard kûb it jier en úteinlik ta 0.
- Bewenners yn gebieten dêr't mynbouaktiviteiten plakfine of yn it resinte ferline plak fûnen, hoege net mear oan te toanen dat skea feroarsake wurdt troch ierdbevings of boaiembewegings. It bedriuw sil bewize moatte dat dat net it gefal is of oars de skea fergoedzje.
- De skea feroarsake troch mynbouaktiviteiten yn 'e stien- en brúnkoalminen fan Limboarch wurdt fergoede troch it Ryk.

- Der komt grutskalich en lanlik ûndersyk nei feiligensrisiko's foar omwenners by fee-ynustrybedriuwen en dongfergisters. Omwenners wurde op syn minst alle kwartalen ynformearre oer wizigings yn feiligheids- en sûnensrisiko's.
- It regear biedt ekskúses oan foar de wize dêr't de Q-koartsepidemy nei 2007 op oanpakt is, erkent ferantwurdlikheid foar it fersomjen fan adekwate foarsoarchmaatregels en fergoedet romhertich alle skea oan 'e slachtoffers.
- De kosten fan 'e bestriding fan takomstige útbraken fan diersykten wurde folslein ferhelle op 'e bedriuwen dêr't de útbraken plakfine, konfoarm it begjinsel 'de feroarsaker betellet'.

### In oangenaam en feilich âld en nij.

Alle jierren rinne hûnderten minsken earnstich letsel op om âld en nij hinne, wêrûnder in grut tal bern. De helte fan 'e slachtoffers is omstanner en stekt sels gjin fjoerwurk ôf.

- Der komt in ferbod op konsumintefjoerwurk. Profesjonele fjoerwurkshows wurde organisearre op lokaasjes dêr't minsken, dieren, natuer en miljeu der gjin (sûnens)skea fan ûnderfine.

### Opfang dakleazen en krisisopfang by húslik geweld.

- It moat foar slachtoffers fan húslik geweld folle makliker wurde om te flechtsjen nei in krisisopfang. Ek moat it ienfâldiger wurde om húsdieren mei te nimmen of tydlik opfang te litten.
- By de opspoaringstsjinsten komt mear omtinken foar it werkennen fan sinjalen fan dieremishanneling yn relaasje ta húslik geweld.
- Der wurdt foldwaande en op 'e tiid skuldhelpferliening bean om in út 'e hússetten en út 'e húspleatsen foar te kommen.
- De oerheid sil itensbanken folle mear stypje. Frijwilligerswurk by itensbanken troch útkearingsrjochthawwers moat troch de oerheid stimulearre wurde.

### Flechtlingen minskweardich opfange.

Der komt foldwaande lytsskalige opfang fan flechtlingen. Bewenners fan 'e opfanggemeente wurde yn 't foar en foar de duer fan 'e opfang goed ynformearre en by de opfang belutsen. It húsfesten fan flechtlingen fynt op op sa'n wize plak dat it tal flechtlingen nooit mear wêze mei dan in kwart fan it tal ynwenners fan in stêd of doarp foarôfgeand oan 'e opfang. Dit om de sosjale kohesje net te ûntwrachtsjen en in goede yntegraasje te befoarderjen.

- Nederlân stjoert gjin minsken werom nei harren lân fan komôf at sy dêr ferfolge wurde fanwegen harren aard, religy, politike oertsjûgings of etnyske ôfkomst.

- Minsken dy't yn Nederlân in ferbliuwsfergunning oanfreegje krije binnen maksimaal twa jier útslútsel oer harren ferbliuwsrjocht.
- Bernerjochten, lykas fêstlein yn it Ynternasjonale Ferdrach foar de Rjochten fan it Bern (IVRK), wurde yn 'e Frjemdelingewet fêstlein. Hjir wurdt yn wichtige mate rekken mei hâlden: woartele bern wurde net útset en krije in ferbliuwsfergunning. Wannear't in bern fiif jier of langer yn Nederlân ferbliuwt, hoecht gjin ûndersyk mear dien te wurden nei it belang fan it bern. Ut wittenskiplik ûndersyk blykt dat it dan altyd yn it belang fan it bern is om yn Nederlân te bliuwen.
- Oer ferbliuwsfergunnings foar minderjierrige asylsikers sûnder famylje wurdt in flugge, yndividuele ôfwearing makke.
- Flechtlingen hawwe rjocht op ûnderwiis, taalkursussen, soarch, (frijwilligers)wurk en adekwate húsfesting.
- Wa't bûten syn skuld Nederlân net ferlitte kin wurdt net op strjitte set, mar hat rjocht op opfang, iten en soach. Gemeenten krije dêr help foar fan it Ryk.
- De oarsaken fan 'e flechtlingekrisis wurde oanpakt, lykas ûnderdrukking en earmoede, klimaatferoaring, tekoart oan wetter en iten, geopolitike konflikten en aggressive hannelspolityk fan it westen.

### Soarch: tefoaren komme is better as genêze.

Previensje is de basis fan in goede sûnenssoarch.

Sûner libje, ite en bewege spylje in wichtige rol by it tefoaren kommen fan sykte en ûngemak. Preventive sûnenssoarch bringt de soarchkosten omdel. In griene libbensomjouwing makket minsken, en benammen bern, sûner en lokkiger. Ynsette op previensje yn 'e sûnenssoarch, sawol beliedsmjittich as yn 'e deistige praktyk fan húsdokters en sikehuzen, leveret allinne mar foardiël op.

- De oerheid stimulearret in sûne libbenswize en set him yn foar in sûne libbensomjouwing.
- Oermedikalisearring wurdt tefoaren kommen. Earstelyn-soarch is krúsjaal om ynsjoch te hâlden yn wat in soad foarkommende ferskynsels binne en wat spesjalistyske soarch nedich hat. Thûsbefallings moatte oeral yn Nederlân mooglik bliuwe.
- De oerheid start in kampanje om langduorjende boarstfieding te stimulearjen. Help en begelieding fan laktaasjekundigen heart yn it basispakket, wêrby't it bern de soarchfreger is. It rjocht om ûnder it wurk kolvje te kinnen of boarstfieding te jaan wurdt ferlingd fan njoggen nei tolve moannen. Sikehuzen hawwe oantoanbere kennis oer boarstfieding.
- Fergoeding foar previensje – lykas de diëtist en help by it stopjen mei smoken – bliuwe yn it basispakket.
- Fergoeding foar antykonsepsjemiddels komt foar alle leeftiden werom yn it basispakket.

- De fabryksproduksje fan net sûn iten wurdt oanpakt: der komme wetlike noarmen foar de maksimale gehalten sâlt, sûker en fet yn bewurke iten.
- Boargers moatte earlike foarljochting krije oer in sûn libbenspatroan.
- Op alle publike stjoerders jildt in reklameferbod foar alkoholiske dranken en smokeryj.
- Bernemarketing foar net sûne produkten wurde ferbean: gjin reklame foar snobbersguod en fastfood dy't rjochte is op bern ûnder 12 jier.
- Der komt in heger btw-taryf foar net sûn iten, en in nultaryf op (biologyske) grienten en fruit.
- Skoalkantines wurde sûn: gjin fastfood, snobbersguodautomaten of enerzjydrankjes, mar smaaklike produkten dy't jongerein helpe om sûn te bliuwen.
- Der komt skoalfruit op alle Nederlânske basisskoallen, mei foarrang foar fruit út 'e regionale biologyske lânbou. Ek komt der mear foarljochting oer nut en needsaak fan mear plantaardich iten.
- Jongerein hawwe romte nedich yn harren eigen omjouwing. Der komme mear foarsjennings yn 'e buert, lykas traapfjildsjes, boartersgelegenheden en jongereinsintra.
- Yn sikehuzen en ferpleechhuzen wurdt sûn, smaaklik en biologysk iten servearre.
- De konsumint moat witte dat fleis minsken siik meitsje kin troch de oanwêzigens fan multiresistente baktearjes en salmonella. Etiketten tsjinje om hjir foar te warskôgjen.
- Der komt in ein oan it struien mei antibiotika yn 'e fee-ynndustry om resistente baktearjes foar te kommen.
- Lânbougif foarmet in ernstige bedriging foar de folkssûnens. De oerheid en de lânbou pleatse warskôgingsboerden op perselen dêr't gemyske bestridingsmiddels binne of tapast wurde.
- Minder managers en administrative lêsten foar soarchferlieners, mear hannen oan it bêd.
- Der komt in taskforce om it fergriemen yn 'e soarch te bestriden. Om fierstente hege medisynprizen foar te kommen, wurdt de opbou fan medisynprizen iepenbier en dêr't it mooglik is wurde goedkeapere, merklease medisinen brûkt.
- Der wurdt ynvestearre yn soarchferlieners: romte foar (by)oplieding en goede arbeidsbetingsten binne fanselsprekkend.
- Elke soarchfregger is oars. Der komt mear omtinken foar it individuele ferlet fan elke soarchfregger.
- Goede kwaliteit fan soarch is essinsjeel. De oerheid stelt kwaliteitsnoarmen op yn oerlis mei soarchferlieners en -freggers, dy't opnommen wurde yn kontrakten mei soarchoanbieders. In ûnôfhinklike ynstânsje kontrolearret en rapportearret oer de kwaliteit fan soarch op lanlik en lokaal nivo.
- De oerheid garandearret it ferskaat yn oanbod fan soarchsintra. Identiteitsbûne soarchsintra mei in lanlike funksje wurde stipe, lykas regionale, lytsskalige sikehuzen.
- (Alderein)soarchynstellings hâlde rekken mei lesbiennes, homo- en biseksuelen, transgender minsken en minsken mei in yntersekse-kondysje (LHBTI). LHBTI-freonlike soarch is part fan 'e kwaliteitseasken foar soarchynstellings.
- Thús- en âldereinsoarch en soarch foar minsken mei in handicap wurdt it leafst lytsskalich en regionaal oanbean. Ferskillen tusken gemeenten yn it oanbod en de kwaliteit fan soarch binne net akseptabel.
- Meargeneraasjewennings wurde fiskaal stimulearre.
- Mantelsoargers hawwe rjocht op finansjele kompensaasje en oanfoljende maatregels dy't it mooglik meitsje om soarch en wurk kombinearje te kinnen.
- De ynset fan domotika en e-health thús wurdt troch de oerheid stimulearre. Foar domotika, lykas it ynternet fan 'e dingen, jilde strange feiligheidsasken. Unfeilige situaasjes lykas DDoS-oanfallen út domotika wei wurde sa foarkommen.
- De frije kar foar alternative genêswizen moat garandearre wêze, de btw-ferheging wurdt weromdraaid. Der wurde neiere easken steld oan 'e soarchferliener oangeande it foarsjen fan ynformaasje oer oplieding en behannelwizen.
- De Partij foar de Dieren is oertsjûge fan it belang fan orgaandonaasje. Boargers moatte goed en lykwichtich ynformearre wurde oer orgaandonaasje, om sa in kar meitsje te kinnen. De oerheid hat him de ôfrûne jierren lykwols amper ynspand om de orgaandonaasje mei soarch yn it omtinken fan 'e boarger te bringen. Dat moat oars. Der wurdt ynvestearre yn in goede

### Soarch foar elkenien.

De kosten yn 'e soarch kinne omleech troch de burokrasy oan te pakken. Troch in ein te meitsjen oan 'e macht en winsten fan soarchfersekerders, troch op te hâlden mei absurde beleanings oan 'e top en troch de profesjonals fan 'e wurkflier wer oan it roer te setten.

- Gjin merkwerking yn 'e soarch. Der komt in Nasjonaal Soarchfûns, dat soarch foar elkenien tagonklik makket.
- It eigen risiko wurdt ôfskaft.
- Gjin eigen bydrage foar jeugdsoarch.
- Ferskillen tusken gemeenten yn it oanbod en de kwaliteit fan jeugdhulp binne net akseptabel. At blykt dat gemeenten de jeugdhulp dy't nedich is net biede kinne as gefolch fan 'e besuningsslach dy't makke is by de transysje fan 'e jeugdsoarch nei de gemeenten, dan wurdt dy besuniging weromdraaid.

mearjierrige donorkampanje mei omtinken foar sawol ûntfanger as donor, en yn in bettere organisaasje om it ynventarisearjen hinne fan 'e kar fan minsken.

- De Partij foar de Dieren fynt it in ynbreuk op it selsbeskikkingsrjocht at de oerheid minsken automatysk as donor registrearret, oft sy om hokfoar reden dan ek noch net kenber makke hawwe oft sy dat al as net wolle.
- Húsdokters wurde neier belutsen by foarljochting oer it donearjen fan organen, bloed, plasma en stamsellen en der wurdt ynvestearre yn in bettere organisaasje om orgaandonaasje hinne.
- De Partij foar de Dieren ûnderskriuwt it prinsipe dat minsken beskikke oer harren eigen libben, ek at it giet om in winsk om te stjerren. De maatskippij hat lykwols ek de ferantwurdlikheid om foar te kommen dat minsken harsels as lêst foar oaren beskôgje sille of harren net mear wolkom fiele yn 'e maatskippij. Sa moat der mear omtinken komme foar it op 'en nij wurdearjen fan âlderdom en it tefoaren kommen fan iensumens ûnder âlderein. Der komt in breed maatskiplik debat oer help by selsdeadzjen, lykas help by it ferstjerren oan minsken dy't harren libben as foltôge beskôgje.

### Goed, tagonklik en duorsum ûnderwiis foar elkenien.

Goed en tagonklik ûnderwiis foarmet it fûnemint fan in frije, demokratyske maatskippij. In maatskippij bloeit allinne as elkenien, nettsjinsteande syn of har ôfkomst, de kâns kriget om him of har te ûntwikkeljen en de oplieding te folgjen dy't past by syn of har fermogens. Tagonklikheid fan it ûnderwiis is in kearnwearde dy't altyd ús ferdigening fertsjinnet – en sûnt de ôfskaffing fan 'e basisbeurs sels wer befochten wurde moat.

- De ûnderwerpen duorsumens, iten, natuer- en miljeuedukaasje en dierewolwêzen binne de pylders fan 'e omslach nei in duorsume maatskippij dy't noch dizze generaasje plakfine moat. Dy kennisgebieten wurde in fêst part fan it lespakket op 'e basisskoalle en yn it foarset ûnderwiis. Yn 'e oplieding fan leararen wurdt hjir adekwaat omtinken oan jûn.
- Yn it ûnderwiis komme 100% biologyske skoalkantines en oerbliuwmielen. De noarm wurdt dat fleis en oare dierlike produkten de útsûndering foarmje en net standert op it menu stean.
- De ûnderwiisynspeksje treedt op tsjin skoallen dy't gjin foarljochting jouwe oer LHBTI-diversiteit. LHBTI stiet foar lesbiennes, homo- en biseksuelen, transgender minsken en minsken mei in yntersekse-kondysje. De foarljochting wurdt boppedat ek ferplichte op it mbo. Feardigens om LHBTI-akseptasje te befoarderjen wurde ûnderdiel fan dosinteopliedings. Inisjativen dy't it ûnderwiis LHBTI-freonliker meitsje wurde stipe.

- Basisskoallen en middelbere skoallen biede lessen yn mediawiisheid oan dêr't skoalbern yn leare om te gean mei it ynternet en oare media. Ek filosofy wurdt opnommen yn it standert kurrikulum, en der komt mear tiid foar keunst en drama.
- Der wurdt ynvestearre yn foldwaande oeren skoalswimmen en sportlessen foar alle learlingen yn it basis- en fuortset ûnderwiis.
- Skoallen wurde stipe by it ynrjochtsjen fan in skoaltún, sa't bern de kâns krije om sels iten te telen.

### Ynvestearje yn learlingen en leararen.

Skoallen moatte net ôfrekkene wurde op sifers, mar op 'e echte ûntwikkeling fan 'e learling. De rekkentoets wurdt ôfskaft en trochstreame nei in folgjende oplieding wurdt makliker makke yn plak fan dreger. Underwiis moat net allinne rjochte wêze op it ûntwikkeljen fan kognitive fermogens mar op 'e ûntjouwing fan alle minsklike fermogens, ynklusyf sosjale, emosjonele, motoryske en kreative fermogens.

- Leararen, learlingen en âlders krije folle mear autonomy by it bepalen fan prioriteiten. Gjûn ûnderwiis dat basearre is om standerdisaasje, kontrôle, konkurrinsje en saaklike managementmodellen.
- De oerenoarmen ferfalle, skoallen kinne sels it tal oeren ôfstimme op 'e eksameneasken.
- Underwiis wurdt tasnijd op 'e minsklike mjitte. Dêr dije sawol learlingen as leararen by. Fúzjes ta skoalfabriken binne net mear oan 'e oarder. It tal learlingen per klasse wurdt ferlytse. Wy wurkje nei it Finske model ta, wêrby't alle dosinten universitêr oplaate binne. Der wurdt ynvestearre yn (by)oplieding fan dosinten. Leararen krije it salaris dat past by de wichtige taak dy't se dogge.
- Tûzenen bern sitte thús en reitsje yn in isolemint omdat besunige is op passend ûnderwiis. Wy moatte folle mear ynvestearje yn oanpaste lesprogramma's sa't der gjin bern tusken wâl en skip bedarje. Ek programma's en spesjaal ûnderwiis foar heechbejeftige bern wurde stipe.
- Basisskoallen krije de frijheid fan 'e eintoets ôf te sjen at sy op in oare manier oantoane kinne dat oan 'e easken foldien is.
- It wurdt ienfâldiger foar skoallen om selsstannich te operearjen, bûten it grutter ferbân fan in skoalmienskip.
- Berneopfang oant 4 jier wurdt part fan it troch de steat oanbeane basisûnderwiis.

### Foar elkenien tagonklik heger ûnderwiis.

It liestelsel wurdt ôfskaft en de basisbeurs komt werom. De OV-kaart foar studinten wurdt net omset yn in liening en bliuwt jildich salang't de studint stúdzjefinansiering hat.

- It kolleezjelijd wurdt flink ferlege.

- Kolleezejild is foar alle studinten itselde, nettsjinsteande it tal earder folge stúdzjes of behelle diploma's. De ûnderwiisynstelling toant oan hoe't it kolleezejild opboud is.
- Fleksstudearjen makket it foar studinten makliker harren stúdzje in jier te kombinearjen mei in bestjoersfunskje of meisizzenskip, sûnder dat jier it folsleine bedrach oan kolleezejild kwyt te wêzen.
- Universiteiten en hegeskoallen wurde fierder demokratisearre: studinten en dosinten krije yn 'e meisizzenskiprieden mear ynfloed. Bestjoerders wurde keazen, yn plak fan beneamd troch de minister.
- De ynstream fan mbo-studinten nei it heger ûnderwiis wurdt ferbettere troch neiere gearwurking tusken hbo en mbo.

### Underwiis dierproeffrij.

It brûken fan dieren yn it middelber en heger ûnderwiis, yn snijpraktika, by demonstraasjes en by proeven moat beëinige wurde. Salang't dit noch net realisearre is, garandearret de oerheid it rjocht fan studinten om it brûken fan dieren foar ûnderwiisdoeleinen te wegerjen, ek yn it middelber ûnderwiis.

- Der komt in kampanje om learlingen en ûnderwiisynstellings op 'e hichte te bringen fan 'e rjochten fan dierproefwegerders en de beskikbere alternativen.
- Studinten yn (bio)medyske opliedings wurde standert ûnderwiisd yn én mei it brûken fan alternativen foar dierproeven.

### Wittenskip is ûnôfhinklik en frij.

- Alle universiteiten, ynklusyf Wageningen University & Research, falle tenei inkeld en allinne ûnder ferantwurdlikheid fan it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip.
- Om kwaliteit en ûnôfhinklikheid fan wittenskiplik ûndersyk te fergrutsjen, wurdt in grutter part hjirfan finansiere fia fêste (mearjierrige) finansiering. It oerheidsbudzjet foar earste- en twaddejildstreamûndersyk wurdt struktureel ferhege.
- De oerheid ynvestearret ekstra jild yn fûneminteel ûndersyk.
- Wittenskiplike artikels en rapporten dy't (foar in part) mei publyk jild finansiere binne, binne fergees en sûnder behinderings yn te sjen.
- Der komme strangere ûnôfhinklikheidseasken by it ynstellen fan bysûndere learstuollen dy't finansiere wurde troch bedriuwslibben of maatskiplike organisaasjes en stiftings.
- Der komt in iepenbier register fan nevenaktiviteiten fan alle ûndersikers binnen en bûten universiteiten en hegeskoallen.

### Keunst, kultuer, erfgoed en sport binne foar elkenien tagonklik.

Kreativiteit en frijheid binne kearnwearden foar in iepen maatskippij. Keunst en kultuer foarmje in ûnmisbere basis foar in libben yn frijheid, wêryn't nije paden ferkend wurde kinne en minsken harren folslein ûntploaie kinne. Keunst en kultuer sette oan ta refleksje, meitsje emoasjes los, ûntroere of ûntregelje. Keunst stimulearret minsken bûten de paden te tinken. It is de oanset ta de transformaasje, feroaring en ynnovaasje dy't de maatskippij och sa nedich hat. De hurde besunigings fan 'e ôfrûne jierren hawwe de sûnens en de tagonklikheid fan keunst, kultuer en erfgoed aardich yn gefaar brocht. De Partij foar de Dieren kiest foar werstel fan it hert fan in frije maatskippij: in bloeiende keunst- en kultuersektor.

- It budzjet foar keunst, kultuer en erfgoed wurdt struktureel ferhege.
- Keunst en kultuer hearre foar alle Nederlanners tagonklik te wêzen: de oerheid fasilitearret keunst- en kultueroanbod yn hiel Nederlân, net allinne yn 'e Rânestêd.
- Wy ynvestearje yn behâld en weriepening fan iepenbiere biblioteken. Digitalisearjen fan argiven fan kulturele en histoaryske organisaasjes wurdt stimulearre.
- Musea binne op syn minst ien dei yn 'e wike fergees tagonglik.
- Popmuzyk kriget in folweardich plak yn it kultuerbelied. Dat betsjut ûnder mear in goed poadiumbelied, romte foar popmuzyk binnen it Fûns Poadiumkeunsten, omtinken foar de ynkosteposysje fan muzikanten en, yn gearwurking mei it ministearje fan Ekonomyske Saken, effisjinte stipe fan 'e eksportkrêft fan 'e Nederlânske muzyksektor.
- Trochferkeap fan konsertkaartsjes tsjin woekerprizen wurdt oanpakt.
- It auteursrjocht en it auteurskontrakterjocht wurde modearnisearre om de posysje fan 'e makkers te fersterkjen en de ynformaasjefrijheid te fergrutsjen. Nije betelmodellen foar films en muzyk wurde ûndersocht. Platfoarms dy't jild fertsjinje oan it oanbod fan films en muzyk sûnder wat ôf te dragen oan 'e makkers, sille in ridlik part fan harren winst útkeare oan 'e rjochthawwende auteurs.
- De Ryksoerheid befoarderet werbestimming fan monuminten en stimulearret gemeenten om kultuerhistoryske en argeologyske weardekaarten op te stellen. Histoarysk weardefolle pannen wurde net sloopt.
- De oerheid befoarderet werstel fan kultuerlânskippen, ûnder mear troch renovaasje of oanlis fan ikkerrânen en houtwâlen.
- Kultuer- en muzykedukaasje hawwe in fêst plak yn

it lesprogramma fan it basis-, fuortset en middelber beropsûnderwiis. Skoallen wurde in plak dêr't ferbining ûntstiet tusken wyk, âlders, kulturele ynstellings, biblioteken, keunstesintra, musea, ferienings en poadia.

- De Ryksoerheid stimulearret gemeenten om kultuerpartisipaasje in fêst part te meitsjen fan harren wolwêzenbelied. Op lokaal nivo binne der goed spriede, tagonklike, betelbere en fariearre foarsjennings.
- Sport nimt yn ús maatskippij in wichtich plak yn. It befoarderet net allinne ús fysike en geestlike sûnens, it draagt ek by oan selsredsumheid, lykas bygelyks swimme. Sport hat in maatskiplike funksje en sportferienings spylje dêr in wichtige rol by. De Partij foar de Dieren fynt dat sporte yn ferieningsferbân foar elkenien mooglik wêze moat.

# 7. Feiligens, privacy, boargerrjochten en ynteger bestjoer

In oerheid dy't harket nei de winsken fan 'e boarger (sûnder dy boarger ôf te harkjen)

By it bieden fan feiligens is der in grut ferskil tusken in grutte broer dy't oer dy wekket en in big brother dy't dy begluorket. De Partij foar de Dieren stiet foar in maatskippij wêryn't boargers harren frij fiele kinne en wêryn't rjochten op privacy en selsûntjouwing respektarre wurde. In yntegere oerheid behellet har boargers en biedt harren perspektyf.

## De plysje stiet ticht by de boarger.

De foarming fan 'e Nasjonale Plysje is útdraaid op in mislearing. It sluten fan plysjeburo's en de burokrazy hat it kontakt tusken boarger en plysje muoisum makke. Ek de ôfstân tusken lieding en aginten is groeid troch de alle managementlagen. De ferantwurdlikheid foar de plysje moat wer ûnder it ministearje fan Ynlânske Saken falle.

- Gjin sluting mar weriepening fan plysjeburo's en yn vestearje yn wykaginten.
- Der komme mear (wyk)aginten op strjitte. Sy spylje in wichtige rol yn it garandearjen fan 'e feiligens.
- Der komme genôch diereplysjeaginten, dy't nau gearwurkje mei de Nederlânke Fiedsel- en Warenautoriteit (NVWA).
- Ynset fan kameratafersjoch mei allinne tydlik, yn in troch de rjochter oanwiisd risikogebiet.
- Etnysk profilearje wurdt tsjingien troch ûnder mear in registraasjesysteem dêr't yn neamd wurdt wêrom't immen steande hâlden is.
- It brûken en de produksje fan softdrugs wurdt legalisearre, sa't teelt legaal wurdt en der aksyns oer heft wurde kin. De oerheid draacht soarch foar in goede foarljochting oer de sûnensrisiko's fan it brûken fan softdrugs.

## Tagonklike en effektive rjochtspraak.

De Partij foar de Dieren fynt dat minsken altyd yn steat wêze moatte om de rjochter om in oardiel te freegjen. Hege kosten en ferhastige prosedueres meie gjin behindering foarmje foar de tagong ta it rjocht.

- De tagong ta it rjocht wurdt fergutte troch bettere

rjochtshelp foar minsken mei in beheind ynkommen.

- De ynspraak- en beropsmooglikheden wurde net beheind.
- Mediation yn it strafjocht wurdt op 'e nij mooglik.
- In konstitusioneel hôf stelt rjochters yn steat om wetten en ferdraggen te toetsen oan 'e Grûnwet.
- Der komme spesjaal oplate griene offisieren fan justysje foar saken dy't te krijen hawwe mei miljeu- en dierewolwêzen.
- Der komt in ynternasjonaal strafhôf foar saken dy't te krijen hawwe mei miljeu- en dierewolwêzen. Ekoside (it grutskalich skansearjen of ferneatigjen fan ekosystemen) wurdt in wetlik erkend strafber feit.
- Der komt effektivere kontrôle en hanthavening op skeining fan minskerjochten, it jaan of oanfurdigjen fan stikelpinnings, wytmaskjen en oare foarmen fan fraude.
- Maatskiplike organisaasjes dy't in rjochtsaak tsjin de oerheid begjinne omdat dy de eigen wetten oertrêdet en troch de rjochter yn it gelyk steld wurde, krije fan 'e oerheid in romhertige fergoeding foar de juridyske stipe. No is it faak mar in symboalyske fergoeding.

## Privacy is feiligens.

De Partij foar de Dieren stiet foar de frije persoanlike libbenssfear fan boargers. Wannear't wy ús privacy opjouwe, jouwe wy in wichtich part fan ús feiligens op. Privacy biedt ús feiligens en beskermet ús tsjin de steat. Beheining fan 'e rjochten fan boargers mei allinne yn uterste gefallen.

- Al it Nederlânske en Europeeske belied op it mêd fan ôftaapjen, sammeljen en opslaan fan materiaal

fan boargers wurdt skerp wersjoen yn it belang fan 'e privacy. It sammeljen en opslaan fan materiaal fan boargers en bedriuwen troch Amerikaanske en oare bûtenlânske ynljochtingstsjinsten is net akseptabel. Nederlân treft maatregels om dy privacyskeinings sa gau as mooglik te stopjen en nije ôfharkpraktiken foar te kommen.

- Sa komt der in ein oan 'e bewarplicht foar telefoan- en ynternetgegevens en it trochjaan fan passazjiersgegevens oan 'e Feriene Steaten. De Feriene Steaten kinne net langer Europeeske banktransaksjes ynsjen.
- Wy hâlde op mei it ferplichte opnimmen fan fingerôfdrukken yn reisdokuminten en it opslaan dêr fan yn in database.
- Nederlân kriget in ynstânsje dy't feitlik en detaillearre rapportearret oer spesifike ynsidinten op it mêd fan ynbreuk op 'e feiligens fan ús digitale ynfrastuktuer.
- Cybersecurity berikst net mei it skeinen fan grûnrjochten. Opspoaringsynstânsjes meie net rûnstrune yn computers sûnder dat dêr in swierwichtige, troch de rjochter toetste reden foar is. Der komme strangere noarmen foar it ôftaapjen fan telefoans.
- Nederlân sil persoansgegevens op it heechste nivo beskermje. De oerheid sil struktureel ynvestearje yn softwareprojekten om de digitale ynfrastuktuer better te befeiligjen. De Autoriteit Persoansgegevens (AP) kriget it foech en de middels dy't nedich binne om syn taak goed út te fieren, ferykber mei de foegen fan 'e Autoriteit Konsumint en Markt.
- Allinne wannear't der in konkrete fertinking is dy't troch de rjochter toetst wurdt, meie plysje, justysje en ynljochtingstsjinsten gegevens oer boargers opfreegje by bedriuwen. Boargers krije mear ynsjoch yn 'e gegevens dy't oer harren opslein binne en bettere mooglikheden om harren út datasystemen ferwiderje te litten. Bedriuwen melde hoe faak se gegevens foar justysje iepenbier makke hawwe.
- Boargers hawwe rjocht op in frij ynternet sûnder filters, blokkades of it trochjaan fan gegevens troch providers.
- Onlinetsjinsten binne tagonklik sûnder datst trackt wurdst. Ek is gjin inkelde foarm fan it swakker meitsjen fan 'e mooglikheden ta it yn koade setten fan ynformaasje akseptabel.
- Ynternetoanbieders wurde net brûkt as ferlingstik fan 'e opspoaringstsjinsten. De bewarplicht fan gegevens fan boargers wurdt ôfskaft. It kommunikaasjegeheim wurdt beskerme en respektarre.
- De oerheid mei bedriuwen net mear samar freegje om 'frijwillich' gegevens te jaan of hannelingen te ferrjochtsjen. Se mei dat allinne dwaan at dat regele is yn in wet en dan allinne mei alle wetlike garânsjes om privacy hinne dy't dêrby hearre.

- Bedriuwen wurde ferplichte om boargers yn te ljochtsjen at harren gegevens lekt binne. Hackers dy't befeiligingslekken bleatlizze krije beskerming.
- Nije belieds- en wetsfoarstellen wurde toetst op 'e gefolgen foar de privacy. Wannear't dy de beskerming fan 'e persoanlike libbenssfear oantaaste, wurde se oanpast of gean se fan it aljemint.
- Systemen dy't de privacy net garandearje wurde ôfskaft, lykas de lanlike elektroanyske dossiers foar pasjinten, learlingen en prostituees.
- De identifikaasjeplicht wurdt ôfskaft.

### Rjocht op ynformaasje en demonstraasje.

Boargers hawwe rjocht op ynformaasje fan oerheidstsjinsten en bedriuwen dy't publyk jild besteegje. De Partij foar de Dieren wol dat it rjocht op demonstraasje in leechdrompelig middel is om ynfolling te jaan oan 'e frijheid fan mieningsutering. Wy binne tsjin fierdere útwreiding fan 'e ferskate oarder-, hantavenings- en feiligensfoegen sûnder tuskenkomst fan 'e rjochter.

- De Wet iepenbierheid bestjoer (WOB) wurdt oanskerpe sa't ynformaasje flugger tagonklik wurdt. It tal útsûnderingsgrûnen om ynformaasje te wegerjen wurdt beheind.
- Gegegevens fan ûndersiken dy't mei publyk jild finansiere binne wurde foar elkenien tagonklik.
- Der jildt gjin oanmeldingsplicht mear foar lytse demonstraasjes.
- Foar demonstraasjes nei oanlieding fan aktuele barrens wurdt de oanmeldtermyn ferkoarte.
- Unôfhinklike ûndersykssjoernalistyk is needsaaklik foar de kontrôle op 'e macht. Alde én nije media kinne oanspraak meitsje op it Stimulearringsfûns foar de media. Gjinn fierdere besunigings op 'e publike omrop of de regionale omroppen.
- Ynternetsensuer mei net en der komt gjin filter wêrby't parten fan it ynternet ôfsletten wurde kin. De hannelsoerienkomst foar it bestriden fan neimaak (ACTA) wurdt net ratifisearre.
- Nederlân pleitet yn Europeesk ferbân foar in ferbod op monopoaljes op 'e ynfrastuktuer foar ynternettagong.

### Emansipaasje.

Yn Nederlân hawwe alle boargers deselde rjochten. Diskriminaasje is net akseptabel, op hokfoar grûn dan ek. It is de taak fan 'e oerheid om oeral dêr't sprake is fan it efterstellen fan groepen – lykas minsken mei in beheining, froulju, etnyske minderheden en LHBTI (lesbiennes, homo- en biseksuelen, transgender minsken en minsken mei in yntersekse-kondysje (dat wol sizze mei manlike én froulike geslachtsskaaimerken)) – soarch te dragen foar folweardige yntegraasje en lykberjochting.

- De oerheid hannellet mei krêft tsjin alle



uteringsfoarmen fan diskriminaasje.

- Manlju en froulju krije deselde beleaning foar itselde wurk; homoseksuele pearen krije deselde rjochten as heteroseksuele pearen.
- De oerheid soarget der foar dat it amtnerapparaat in lykwichtige ôfspiegeling is fan 'e gearstalling fan 'e befolking.
- De oerheid befoarderet de gelike rjochten fan minsken mei in beheining. Tagong ta publike foarsjennings en iepenbiere ynstellings en ferfier hearre fanselssprekkend te wêzen, ek foar minsken mei in beheining en minsken dy't ôfhinklik binne fan in helpûn. It ferdrach fan 'e Feriene Naasjes oangeande de rjochten fan persoanen mei in handikap wurdt krekt neilibbe.
- In ferbod op LHBTI-diskriminaasje wurdt, lykas op diskriminaasje fanwegen godstsjinst, ras ensafuorthinne, eksplisyt opnommen yn artikel 1 fan 'e Grûnwet.
- Transgenderdiskriminaasje en diskriminaasje fan minsken mei in yntersekse-kondysje wurdt ferbean yn 'e Algemiene wet gelikense behanneling. Yn 'e wet wurdt de term 'hetero- of homoseksuele gerichtheid' boppedat ferfongen troch 'seksuele gerichtheid'. Sa wurde ek biseksuele en aseksuele minsken wetlik beskerme.
- De oerheid fiert in krêftich LHBTI-emansipaasjebelied en ynvestearret yn LHBTI-emansipaasje yn it ûnderwiis. LHBTI-learlingen en -leararen binne wolkom op alle skoallen.
- De offisjele geslachtsregistraasje wurdt ôfskaft.
- Foarmen fan mearâlderskip, wêrby't in bern opfieden wurdt troch bygelyks in lesbysk keppel en in homoman, wurde wetlik erkend.
- Geweld mei in diskriminearjende achtergrûn wurdt swierder bestraft. De plysje registrearret geweld tsjin homo's, lesbiennes, biseksuelen, transgender minsken en minsken mei in yntersekse-kondysje. De oanpak fan anti-LHBTI-geweld bliuwt topprioriteit by plysje en justysje.

### Mear demokrasy.

In duorsume en solidêre maatskippij kin net sûnder in oerheid dy't in kader steld. De begjinsels moederaasje, duorsumens, persoanlike frijheid en persoanlike ferantwurdlikheid foarmje dêrby it útgangspunt.

- It demokratyske gehalte fan 'e beslútfarming yn Nederlân is driuwend oan fersterking ta. De kloof tusken boarger en polityk is grut en it betrouwen yn 'e polityk is leech.
- Foarmen fan direkte demokrasy lykas referindums krije in prominenter plak.
- It boargerinisjatyf wurdt mei kampanjes stimulearre en ienfâldiger makke.

- It riedplachtsjend referindum kriget in plak by wichtige besluten. Referindums oer aktuele ûnderwerpen soenen – nei Switsersk foarbyld – tagelyk mei ferkiezings plakfine kinne. De mooglikheden dêr ta wurde ûndersocht. Elektroanyske ynsameling fan hantekeningen foar ynspraakprosedueres, referindums en boargerinisjativen wurdt mooglik op oerheidswebsiden.
- Wy fiere in korrektyf binend referindum yn by fiergeande besluten. Bygelyks by it oerdragen fan foegen of macht oan ynternasjonale ynstellings lykas de Europeeske Uny. Of wannear't de oerheid hannelsferdraggen slute wol wêryn't private arbitraazjehôven opnommen binne.
- Buertferienings krije in trochslachjaande stim by besluten oer wat der dien wurde moat mei leechsteande gebouwen of mienskiplike gebouwen yn harren buert.
- Boargemasters wurde keazen troch de gemeenteried, de Kommissaris fan 'e Kening troch de Provinsjale Steaten.
- De wetterskipsbestjoerders bliuwe streekrjocht keazen yn plak fan yndirekt troch de gemeenterieden.
- Der komt in ein oan 'e burgen sitten yn 'e wetterskippen.
- Gemeentlike weryndieling kin allinne at de betreffende gemeenterieden dêr akkoart mei binne.

### Ynteger en adekwaat bestjoer.

It ministearje fan Ynfrastruktuer & Miljeu wurdt it ministearje fan Duorsumens. Dit ministearje kriget inselde status as it ministearje fan Finânsjes: it belied fan oare ministearjes wurdt tenei toetst op duorsumens. Dit ministearje fan Duorsumens kriget de ferantwurdlikheid foar Miljeu, Klimaat, Energij, Romte en Natuer.

- Der komt in ministearje fan Iten en Lânbou.
- It ministearje fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport wurdt it ministearje fan Folkssûnens, Sport en Dierewolwêzen.
- It ministearje fan Feiligens en Justysje wurdt opheft. De Plysje wurdt wer ûnderbrocht by it ministearje fan Ynlânske Saken. Justysje wurdt wer in selstannich ministearje.
- Op alle nivo's fan bestjoer en folksfertsjintwurdiging komt in iepenbier lobbyregister. Op bestjoersstikken lykas wetsfoarstellen en beliedsmaatregels moat neamd wurde hokfoar ynffloed lobbyisten op 'e foarstellen hân hawwe.
- Klokkelieders binne in wichtige boarne foar it opspoaren fan misstannen yn bedriuwen en (oerheids) organisaasjes en wurde dêrom goed beskerme.
- In Kommisje foar Publike Beneamings sil tasjen op earlike, transparante en ûnpartidige beneamings. Partijpolitike beneamings wurde aktyf bestride. Publike beneamings wurde net langer úsûndere fan it anti-

diskriminaasjebegjinsel.

- Taken en ferantwurdlikheden fan 'e lanlike oerheid kinne allinne oan provinsje of gemeente oerdroegen wurde ûnder skerpe betingsten. De taak moat him der foar liene en de oerheden dy't de nije taak der by krije moatte foldwaande (finansjeel) tarist wêze.
- De balkenendenoarm sil jilde foar alle publike en semipublike ynstellings.
- De frijstelling foar de kening en syn famylje foar ûnder mear lean- en ynkomstenbelesting komt te ferfallen, lykas temjitttekommings yn 'e sfear fan fermogens- en winstbelestings of rendemintsheffings.
- It keninklik jachtdepartemint wurdt opheft. De subsydzjes oan dit departemint wurde skrast.
- Majesteitsskeining en de strafberheid fan it beledigjen fan in bûtenlânsk steatshaad wurdt skrast út 'e wet.

# 8. Europa, ûntwikkelings- gearwurking, flechtlingen en definsje

In wrâldbyld dat te ferdigenjen is, planeetbreed!

De ierde biedt genôch foar it ferlet fan elkenien, mar net foar de hebsucht fan elkenien. Us hanneljen mei de problemen op oare plakken yn 'e wrâld net noch grutter meitsje. Barmhertigens en duorsumens moatte yn ús bûtelânbelied de paadwizers wêze. Help oan 'e earmsten en oan slachtoffers fan hongere, natuerampen en geweld is foar ús fanselsprekkend. Minskerjochten binne der om neilibbe te wurden. Brek oan solidariteit foarmet in fiedingsboaiem foar flechtlingestreamen en oarloggen. As grutterbrûkers fan bûtenlânske grûn, grûnstoffen en helpboarnen hawwe wy dêr in grutte ferantwurdlik yn te nimmen.

Om konflikten foar te kommen moatte wy de ierde duorsum behearje en soargje foar in rjochtfeardige ferdieling fan iten en helpboarnen. Militêr yngripen is komselden in oplossing en soarget faak dat konflikten slimmer wurde, te'n koste fan in protte minskelibbens. Regionalisearring, earlike hannel en it lytser meitsjen fan ús ekologyske fuotprint soargje foar fiedselwissigens en duorsume ûntwikkeling. De Partij foar de Dieren wol gjin frijhannel (TTIP, CETA) te'n koste fan miljeu, dierewolwêzen, fiedselwissens, minskelibbens, privacy en de kânsen op wurkgelegenheid fan minderbedielden yn eigen lân.

## Nederlân yn 'e Europeeske Uny.

Europa is gjin federale steat en it is ek net winsklik of nedich om dat nei te stribjen. In kreative ôfbeakening fan Brusselske foegen is fan grut belang. De Partij foar de Dieren wol in Europeeske Uny, dy't demokratysk en kontrolearber is en dêr't de stim fan 'e boarger yn heard wurdt. Sa'n soarte fan Europa pakt de problemen oan dy't om in mienskiplike oplossing freegje, mar lit lidsteaten sels beslisse op beliedsterreinen dêr't Europeesk belied mear skea oanrjochtet dan goed docht.

- De EU sil gjin nije foegen krije – en al hielendal net sûnder earst in binend referendum út te skriuwen. Der komt gjin Europeesk Iepenbier Ministearje, Europeeske minister fan finansjën, Europeesk leger of Europeesk pensjoenstelsel. Sokke saken kinne lannen nasjonaal wol regelje.

- Lidsteaten hâlde folsleine sizzenkip oer harren eigen begruttings.
- De EU stoppet mei har fiksaasje op 'ekonomyske groei' en 'hannel'.
- De eurosône sil net fierder útwreide wurde.
- Wy pleitsje foar alternative senario's foar it oplossen fan 'e eurokrisis en wolle dat de EU senario's útwurket foar parallelle munten, foar de weromkear nei nasjonale munten en foar mooglike splitsing fan 'e muntuny yn in noardlike en súdlike regio om sa de euro ûntflechtsje te kinnen sadree't de eurokrisis wer oplôget.
- Der komme exit-strategieën foar lidsteaten dy't út 'e muntuny wolle. De Europeeske Uny stipet de lidsteaten dy't oer sa'n stap neitinke.
- Lidsteaten dy't ûnder harren skuldêst driigje te beswiken, krije help by de weropbou fan harren ekonomy op in wize dy't te dragen is troch de eigen befolking en net destruktyf is foar dieren, natuer of miljeu. Ferantwurde skuldsanearring is dêrby in útgongspunt.
- De Europeeske Uny stoppet mei it needfûns ESM. Dit fûns lit in lidsteat as Nederlân garant stean foar tsien tallen miljarden euro's, sûnder de lidsteat sizzenkip te jaan oer de besteging fan dy jild.
- Salang't der mienskiplike needfûnsen bestean, sil it tafersjoch dêrop demokratyk organisearre wurde. Rekkenkeamers op nasjonaal en Europeesk nivo hawwe hjir in belangrike rôl by.

- De Europeeske Sintrale Bank (ECB) is ûndemokratysk en draait him wei foar elke parlementêre kontrôle, mar nimt wol beslissings dy't fiergeande ferdielingseffekten hawwe. Belangen fan krediteuren meie net langer foar dy fan debiteuren komme, en prîisstabiliteit net boppe wurkgelegenheid en duorsumens. Nasjonale parleminten moatte de ynterne notulen sjen kinne en bestjoerders fan 'e ECB ter ferantwurding roppe kinne.

### Ferantwurde hannel.

Minske- en diererjochten, natuer en duorsumens komme foar ekonomyske koarte termynbelangen. De Partij foar de Dieren is tsjin frijhannelsakkoarten lykas CETA en TTIP, omdat dizze deals de demokrasy ûndermynje en grutte negative gefolgen hawwe foar minsk, miljeu, dierewolwêzen en folkssûnens. Sa beheine se de karfrijheid en privacy fan konsuminten. Ek bedriigje se de ûntplooiingskânsen fan minderbedielden en kwetsberens. ûntwikkelingslannen drage faak de lêsten fan 'e wrâldhannel, mar diele net yn 'e lusten mei. Wy wolle de posysje fan ûntwikkelingslannen yn 'e wrâldhannel ferbetterje en de wrâldekonomy mear regionalisearje.

- De EU en Nederlân slute gjin nije frijhannelsakkoarten mear ôf. Ek wurde gjin (assosjaasje)akkoarten mear sletten (lykas it akkoart mei Oekraïne) dy't lannen frije(re) merktagong ta de EU jouwe. De ûnderhandelings mei ûnder oaren de Feriene Steaten, Mercosur (seis grutte lannen yn Súd-Amearika) en Japan wurde staakt. Ek komt der gjin Trade in Services Agreement (TISA).
- At der dochs frijhannelsferdraggen ôfsletten wurde troch de EU, dan moatte lidsteaten dêr altyd it lêste wurd oer hawwe. Der sil dan in binend referendum organisearre wurde.
- Frijhannelsakkoarten lykas CETA en TTIP jouwe bedriuwen it rjocht om lannen foar in spesjale, faak private rjochtbank te daagjen as demokratysk ta stân kommen regels fan dat lân de frijhannel beheine. Wy wize dy besljochting fan ynvestearingskelen ôf. Sokke systemen (lykas ISDS en/of ICS) meie noait diel útmeitsje fan frijhannelsferdraggen.
- Besteande frijhannelsakkoarten en assosjaasjeakkoarten dêr't Nederlân partner yn is, wurde opnij besjoen. Ek alle bilaterale belesting- en ynvestearingsferdraggen dy't Nederlân sletten hat wurde trochljochte op harren effekt foar miljeu en it ûntstean fan belestingkonkurrinsje tusken lannen om op kosten fan 'e boarger bedriuwen oan te lûken.
- Belestingûntdûking sil oanpakt wurde, om te begjinnen yn Nederlân en yn 'e mande mei oare lidsteaten. ûntwikkelingslannen wurde holpen om de belestings te ûntfangen dêr't se rjocht op hawwe. Nederlân ferplichtet bedriuwen ta transparânsje oer de

belestings dy't sy betelje.

- Produkten dy't yn Nederlân of de EU ynfierd wurde, moatte op syn minst foldwaan oan deselde miljeueasken en easken foar dierewolwêzen as produkten dy't hjir produsearre wurde. Ek moat yn it arbeidsproses minimaal de Universele Ferklearring fan de Rjochten fan de Minsk respektarre wêze. Produzenten yn ûntwikkelingslannen krije help om oan dy easken te foldwaan.
- Nederlân sil produkten tsjinhâlde dy't produsearre binne te'n koste fan minsken, dieren of miljeu en set him der yn Brussel foar yn dat lidsteaten dat ûnderinoar ek dwaan kinne mei ûnetyske produkten lykas guozzen en einelever (foie gras) út Frankryk, Spanje, Bulgarije en Hongarije.
- De eksport fan feehâlderijssystemen en produkten dy't yn Nederlân sels net tastien binne, wurdt ferbean.
- ûntwikkelingslannen moatte kapitaalkontrôles ynstelle kinne, om foar te kommen dat bûtenlânske ynvestearders harren kapitaal ynienen weromlûke, mei alle fersteurings dy't dêr achter weikomme.
- Nederlân makket him sterm foar it wizigjen fan 'e betingsten fan 'e Wrâldhannelsorganisaasje wêrby't maatskiplike wearden bepalend wurde. In ymportferbod foar produkten lykas libbatterijen, bûnt en tearsânolje moat mooglik wurde.
- ûntwikkelingslannen krije mear ynfloed op it belied fan it Ynternasjonale Monetêre Fûns en de Wrâldbank. Oerfertsjinwurdiging fan Europa wurdt beëinige. Wy wolle dat dy ynstellings transparant en demokratysk wurde.

### Ynvestearje yn ûntwikkelingsgearwurking.

De westerske konsumpsje en produksje gean oer de draachkrêft fan 'e ierde hinne en ûndermynje de posysje fan minsken yn earme gebieten yn 'e wrâld. Sy wurde it earst en it hurdste rekke troch útputting fan natuerlike helpboarnen, drûgte en oerstreamings. De Partij foar de Dieren wol dat Nederlân ynvestearret yn effektive oplossings. Duorsumens, ûnderwiis, sûnens, berneerjochten, de ûntwikkeling fan lokale produksjekeatlings (net op eksport rjochte) en gelikense behanneling fan manlju en froulju binne dêrby spearpunten.

- Ien prosint fan ús bruto nasjonale ynkommen wurdt bestege oan ûntwikkelingshelp.
- De help wurdt rjochte op 'e belangen fan 'e minsken dêr en net op 'e belangen fan it Nederlânske bedriuwslibben. De posysje fan 'e earme befolking wurdt sterker makke, foaral de libbenssituaasje fan froulju en bern.
- Prioriteit krije skjinn drinkwetter en hygiêne, goede (previntive) sûnenssoarch, tagong ta essinsjele medisinen en antikonsepsje, ûnderwiis, skjinnere enerzjy

en it stypjen fan emansjepaasjebewegings. Sa wurdt hydroegen oan it remjen fan 'e befolkingsgroei en krije demokratisearingsprosessen in kâns.

- Miljeu- en minskerjochteaktivisten krije help en beskerming fan Nederlânske ambassades at dat nedich is. Nederlân helpt harren ek by it krijen fan tagong ta de rjochter.
- Nederlân pleitet derfoar om ekoside ta te foegjen oan 'e misdriuwen dy't foar it Ynternasjonaal Strafhôf brocht wurde kinne, om sa bedriuwen en lannen dy't it miljeu slimme skea tabringe ferfolgje te kinnen.
- At ûntwikkelingslannen harren merken (tydlik) ôfskermje foar ymporten út it westen wei om sa harren eigen ekonomy te fersterkjen, folgje gjin represaillemaatregels.
- Nederlân helpt ûntwikkelingslannen om harren produkten sels te bewurkjen, sa't se sels tafoege wearde kreëarje kinne, yn plak fan grûnstoffen te eksportearjen.

### Konfliktgrûnstoffen oan bannen.

- Nederlân stelt strange regels foar de ymport fan grûnstoffen wêrfan't de winning of produksje skea tabringe kinne oan minsken, dieren, miljeu of de natuer. Dizze regels jilde foar rûge grûnstoffen én (heal)fabrikaten.
- Grûnstoffen dy't faak ferhannele wurde, lykas soaja, palmoalje, koper en koalen, komme op 'e list fan konfliktmaatregels, dêr't strange kritearia yn it ynternasjonale hannelsferkear foar komme sille. Ek swiet wetter komt op dy list.
- Wy wolle ôf fan it frijbljuwende karakter fan maatskiplik ferantwurde ûndernimmen (MVO). Neist in MVO-tafersjochhâlder komme der dúdlike ôfspraken oer rapportaazje fan ynspannings en risseltaten troch bedriuwen.
- Bedriuwen wurde ferplichte om it skeinen fan minskerjochten (ynklusyf bernearbeid), miljeufersmoarging, oantaasting fan dierewolwêzen en ferlies fan bioferskaat yn harren keatlings te identifisearjen, foar te kommen en oan te pakken.
- Grutte bedriuwen jouwe ferplichte ynsjoch yn 'e werkomst fan 'e materialen dy't sy brûke en de omstannichheden yn it produksjekeatling. Se publisearje alle jierren in winst- en ferliesrekken foar minsken, dieren, natuer, miljeu en klimaat.

### It tefoaren kommen fan terrorisme.

Terrorisme moat tefoaren kommen wurde. Mar de bombardeminten op Syrïe drage dêr net ta by: bombardeminten fersteure de regio noch mear en soargje derfoar dat in soad minsken gjin thús mear hawwe en foar boargerslachtoffers. In ideology kin

net mei bommen bestriden wurde. Troch de hannel yn oalje en grûnstoffen mei IS oan te pakken, kin de finansieringsboarnen fan dizze terreurgroep wol drûchlein wurde.

- IS finansieret terrorisme troch ûnder mear yn oalje te hanneljen. Oalje út ferskillende fjilden hat in eigen unike gearstalling, dy't as in 'fingerprint' beskôge wurde kin. Nederlân sil yn 'e mande mei oare lannen ûndersykje oft dy 'fingerprint' brûkt wurde kin om IS-oalje op te spoaren en hannel yn dy oalje tsjin te gean.
- By it op 'e tiid werkennen fan radikalysearing en it opspoaren fan terrorisme blykt ynformaasje fan 'e wykagint faak krúsjaal. Nederlân ynvestearret yn mear wykaginten op strjitte, dy't de eagen en earen fan 'e buert foarmje kinne.
- Oanpak fan yllegale hannel yn dieren en dierlike produkten (û.o. ivoar) wurdt ûnderdiel fan in plan fan oanpak tsjin ynternasjonaal terrorisme.

### Oarsaken flechtlingekrisis weinimme.

Miljoenen minsken ferlitte hûs en hiem, op 'e flecht foar grut geweld. Dêrneist binne in hiel soad minsken op syk nei in better libben. Europa hat te krijen mei in hast net te regulearjen ynstream fan flechtlingen en migranten. In soad fan dizze minsken binne foar harren feiligens en minskerjochten mei ôfhinklik fan ús help. Slachtoffers fan oarloch en geweld, ûnderdrukking en ferfolging, hongere, klimaatferoaring en natuerrampen moatte holpen wurde.

Nederlând en Europa hawwe net allinne in ferantwurdlikheid yn it bieden fan minskweardige opfang en help oan dizze minsken. Wy moatte tagelyk besykje de oarsaken fan 'e flechtlingestreamen en de fiedingsboaiem fan konflikten wei te nimmen. Klimaatferoaring, dêr't drûchte en fiedseltekoarten troch ûntstean, is de boarne fan in grut tal konflikten dat minsken op 'e doele bringt. Us agressive eksport- en hannelsstratezjy en it fasilitearjen fan belestingûntwikking troch multinationals, nimt minsken yn ûntwikkelingslannen de kânsen ôf om yn harren eigen lân in goed bestean op te bouwen. Nederlân hat in grutte ekologyske fuotprint, dy't de kânsen foar minsken yn ûntwikkelingslannen lytser makket. Om it tal flechtlingen te ferlytsjen, sille wy ús eigen hanneljen aktyf feroarje moatte.

- Nederlân set yn op it beheinen fan 'e konsumpsje fan materialen, wetter, enerzjy en lân, sa't ús fuotprint net langer te'n koste giet fan minske, dier en miljeu op oare plakken.
- Nederlân sil lang om let serieu oan 'e slach mei it ferminderjen fan CO2-útstjit.
- Wy sette yn op it regionalisearjen fan 'e hannel, wêrtroch ûntwikkelingslannen mooglikheden krije om

harren lokale ekonomy en merken te ûntwikkeljen.

- Belestingwetjouwing en belestingferdraggen wurde opnij besjoen sa't ûntwikkelingslannen net mear miljarden oan ynkomen misrinne fia belestingûntwiking troch multinationals.
- Europeeske lânbou- en fiskerijsubsydzjes sille ôfboud wurde. Dat jout boeren yn ûntwikkelingslannen nije kânsen.
- Nederlân stoppet mei de ymport fan produkten dy't te'n koste gean fan 'e libbensomjouwing op oare plakken of dy't lykop gean met it skeinen fan minskerjochten of dierewolwêzen.
- Fiskerijakkoarten tusken de EU en tredde lannen binne rôfakkoarten en sille ûntbûn wurde.
- Alle besteande eksportsubsydzjes en budzjetten foar eksportpromoasje ferdwine en der wurde gjin produkten mear yn ûntwikkelingslannen dumpet.

### Humanitêre help is fanselssprekkend.

- Humanitêre opfang yn 'e regio hat de foarkar, mar allinne as dat op in minskweardige wize kin. Nederlân stelt dêr jild en kennis ta beskikking. Wy drage ryklik by oan 'e (need)help dy't nedich is om minsken yn kwetsbere gebieten útsjoch op in minskweardich bestean te bieden.
- Minsken dy't foar geweld op 'e flecht binne, wurde holpen om in feilige bestimming yn Europa te berikken. Minsken dy't om ekonomyske motiven nei Europa wolle, wurde oan 'e bûtengrinzen op in sekuere wize út 'e flechtlingestream filtere.
- Der wurdt mear jild en kapasiteit beskikber steld om foar te kommen dat minsken de gefaarlike oerstek oer de Middellânske see meitsje moatte. Minskesmokkal sil hurd oanpakt wurde. De flechtlingedeal mei Turkije sil opsein wurde; minsken sille noait sûnder sekuere prosduere weromstjoerd wurde.
- Yn 'e EU sille ôfspraken oer de sprieding fan flechtlingen makke wurde. Lannen dy't harren hjir net oan hâlde, sille koarte wurde op 'e jilden dy't se alle jierren krije. Nederlân set aktyf yn op it wrâldwiid ratifisearjen fan it VN-flechtlingeferdrach.
- Der komt genôch lytsskalige opfang fan flechtlingen. It tal flechtlingen dat hûsfeste wurdt, mei noait mear wêze as in kwart fan it tal ynwenners fan in stêd of doarp dat oan 'e opfang foarôfgiet. Oars sil de sosjale kohesie fersteurd wurde.
- Nederlân stjoert gjin minsken werom nei it lân dêr't sy weikomme as sy dêr ferfolge wurde fanwegen harren aard, religy, politike oertsjûging of etnyske ôfkomst.
- Minsken dy't yn Nederlân in ferbliuwsfergunning oanfreegje, krije binnen maksimaal twa jier útslûtsel oer harren ferbliuwsrjocht.
- Bernerjochten, lykas fêstlein yn it Ynternasjonaal

Ferdrach foar de Rjochten fan it Bern (IVRK), sille yn 'e Frjemdlingewet fêstlein wurde. Hjir sil och sa rekken mei hâlden wurde: bern dy't woartele binne, sille net útset wurde en krije in ferbliuwsfergunning. Wannear't in bern fiif jier of langer yn Nederlân ferbliuwt, hoecht gjin ûndersyk dien te wurden nei it belang fan it bern. Ut wittenskiplik ûndersyk blykt dat it dan altyd yn it belang fan it bern is om yn Nederlân te bliuwen.

- Oer ferbliuwsfergunningen foar minderjierrige asylsikers sûnder famylje wurdt in flugge, yndividuele ôfweging makke.
- Flechtlingen moatte harren sa gau as mooglik ús taal en kultuer eigen meitsje kinne. Se hawwe rjocht op ûnderwiis, soarch, (frijwilligers)wurk en goede hûsfesting.
- Dyjinge dy't bûten syn skuld om Nederlân net út kin sil net op strjitte set wurde, mar hat rjocht op opfang, iten en soarch. Gemeenten krije dêr fan it Ryk help foar.

### Peal en perk oan wapens.

- De hannel yn wapens en ynvestearrings yn 'e produksje fan wapens sille goed oan bannen lein wurde.
- Nederlân set him – ek binnen de EU – yn foar it neilibjen fan ferdraggen tsjin lânminen en klustermunysje en foar wrâldwide regulearring fan 'e wapenhannel.
- Nederlân rint foarop yn 'e ûntwikkeling fan in ynternasjonaal juridysk ramtwurk foar it brûken fan bewapende drones (ûnbemanne fleanmasines).
- It wapeneksportbelied sil sa oanskerpe wurde dat der út Nederlân en de EU wei gjin wapens oan repressive en autoritêre steaten levere wurde dy't minskerjochten skeine.
- Der komt in swarte list fan lannen en bedriuwen dêr't gjin healfabrikaten en ûnderdielen fan gemyske en nukleêre wapens en oarlochsfiering mei baktearjes, firussen, ensafuorthinne oan levere wurde meie.
- Yn 'e mande mei oare lannen wurket Nederlân oan in universeel ferbod op it brûken fan alle foarmen fan uranium yn wapens. Boppedat set it him yn foar in alles omfiemjend ferbod op kearnwapens.
- De kearnwapens dy't noch oanwêzich binne, sille op koarte termyn út Nederlân weihelle wurde.
- Nederlân sil gjin JSF-strieljagers mear oankeapje. De F-16-float sil lytser makke en modernisearre wurde.

### Gjin gefjochtsmisjes.

De Partij foar de Dieren stipet fredesoperaasjes fan 'e Feriene Steaten as dy legitym, proporsjoneel en effektyf binne. Ferminging fan politike, militêre en humanitêre taken bedriget it respekt foar it humanitêr oarlochsrjocht. Nederlân hâldt him fûneminteel oan 'e humanitêre prinsipes as kearn fan it belied.

- Nederlân docht net mei oan NAVO-gefjochtsmisjes.
- Nederlân lûkt him werom út Syrië en Maly.
- Nederlân behâldt folsleine sizzenkip oer syn eigen kriichsmacht.
- De leeftiid dêr't ús militêren op misjes útstjoerd wurde meie, sil ferhege wurde fan 18 nei 21 jier.
- Definsje ûnthâldt him op alle mooglike wizen fan it aktyf rekrutearjen fan minderjierrigen, ek yn it ramt fan tariedende militêre opliedings.



**Partij voor  
de Dieren**

[www.partijvoordedieren.nl](http://www.partijvoordedieren.nl)